



# KURRIKULUM • FRL



## Dokumint 2

Boustiennen GO1, GO2, GO3 en GO4


# Ynhâld

Lêswizer Boustiennen	3
Grutte opdracht 1: Identiteit & Taal yn beweging	4
Grutte opdracht 2: It is al begûn	12
Grutte opdracht 3: Sjoch om 'e hoeke	18
Grutte opdracht 4: Sin' en wille	24

# Lêswizer Boustiennen

Dizze boustiennen binne ta stân kommen mei help fan de fjildgroep en feedback fan stakeholders. Der is ek sjoen nei de boustiennen fan Curriculum.nu en de feedback dy't dêr op jûn is. De leargebieten fan Curriculum.nu hawwe de boustiennen op ferskate manieren útwurke. Nei ynput en advys fan de fjildgroep hawwe de BOUSTIENNEN foar it leargebiet Fryske taal & kultuer de neikommende struktuer krigen:

1. doelen (De learlingen leare ...)
2. learaktiviteiten (Dat leare sy û.o. troch ...)
3. didaktysk hanneljen en oanbod (Foarbylden, ideeën didaktysk hanneljen en oanbod)



Nedige feardichheden, kennis en hâlding fan learkrêften foar in suksesfol kurrikulum.frl\*

## \* Advizen en tips: om in positive hâlding by learlingen te befoarderjen ...

- is de learkrêft sels posityf oer de Fryske taal en meartalichheid en draacht er dat út nei learlingen, âlders en kollega's;
- soe de learkrêft sels Fryske prate kinne moatte om in goed foarbyld te wêzen en om it Frysk sa fiertaal brûke te kinnen yn de les. Om in goed taalfoarbyld wêze te kinnen, soe de learkrêft yn it pû it Frysk minimaal op B2-nivo behearskje moatte en de dosint yn it fû minimaal op C1-nivo;
- kreëarret de learkrêft in rike en stimulearjende meartalige omjouwing yn it eigen lokaal en de rest fan de skoalle dêr't learlingen it Frysk yn hearre en sjogge (Fryske boeken yn it lokaal of de skoalbibliteek, posters mei Fryske teksten, Frysktalige opskriften op buordsjes yn de skoalle, eksposysje fan Fryske taalproduksjes fan learlingen, in twatalige (of meartalige) tema- of boeketafel, Frysktalige cd's, taal-apps en oersetwebsites, ensfh.);
- brûkt de learkrêft positive, eigentiidske en oansprekkende foarbylden fan Fryskpraters út de realistyske en bekende belibbingswrâld fan de learlingen;
- soarget de learkrêft foar in posityf pedagogysk klimaat dêr't learlingen har frij en feilich yn fiele om it Frysk te brûken en te besykjen om de taal te brûken;
- jout de learkrêft taalopdrachten dy't learlingen de romte jouwe om har hiele talerepertoire yn te setten, ynklusyf de thústaal;
- soarget de learkrêft foar betsjuttingsfolle situaasjes dy't bern nijsgjirrich meitsje en har útdaagje om it Frysk te ferstean en sels Frysk te praten.

NB1: dêr't learkrêft stiet, kin ek dosint lêzen wurde.

NB2: om de wearde fan Frysk ûnderwiis en meartalichheid te begripen en ûnderwiis te jaan dêr't meardere talen in plak yn krije en leard wurde, hawwe learkrêften eftergrûnkennis nedich oer meartalichheid, en byhearrende didaktyske feardichheden en foegen.

# GO1: Identiteit & Taal yn beweging



KURRIKULUM • FRL

	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbyldsituasjes   Ideeën foar didaktysk hanneljen en oanbod
Meartalige realiteit	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) dat Fryslân in twatalige provinsje is en dat behalve Frysk en Nederlânsk ek noch oare talen yn har direkte (lear)omjouwing foarkomme.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>deistige rûtinen yn ferskate talen <b>út te fieren</b>;</li> <li><b>te harkjen</b> nei Frysktalige teksten, ferskes en petearen;</li> <li>Fryske en oare talige uteringen yn de direkte (lear) omjouwing <b>te ûndersykjen</b> en de betsjutting fan dy uteringen <b>te bepraten</b> of út te lizzen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft fiert deistige rûtinen út yn ferskate talen. Tink oan de dagen fan de wike, telferskes, ferske foar it fruititen, in jierdeisliet, ensfh. De learkrêft stimulearret de learlingen om mei te sjongen. Op 'e feestmûtse wurdt de leeftiid opskreaun yn ferskate talen (5 jier/5 jaar/5 years), ensfh.;</li> <li>De learkrêft nimt de learlingen mei nei bûten. Under de kuier troch de wyk, it winkelsintrum of it doarp wiist er op foarbylden fan Frysktalige en meartalige uteringen yn sprutsen en skreaune foarm. Hy lit de learlingen op 'e siik gean nei meartalichheid. De learkrêft kin der ek foar kieze om byldmateriaal út de direkte omjouwing oan de groep sjen te litten, lykas foto's, posters, filmkes, posters, reklame en ferpakkingen, en de betsjutting dêrfan te bepraten.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) dat sysels en oaren oer in meartalich repertoire beskikke en dat sy dy talen op ferskate mominten ynsette.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûndersykjen</b> wa fan har wannear Frysk praat, wa't der oare talen brûkt en wat redenen wêze kinne om in oare taal as it Frysk te brûken;</li> <li><b>te ûndersykjen</b> watfoar talen as sysels en har famyljeleden prate of kenne;</li> <li><b>nei te tinken en te bepraten</b> watfoar talen as se wannear brûke (thús, op skoalle, mei freonen en famylje, ensfh.) en wat redenen wêze kinne om fan taal te wikseljen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit de learlingen neitinke oer de talen dy't sy kenne en mei wa't se Frysk, Nederlânsk of in oare taal prate. Tink oan taalsituasjes lykas thús mei heit en mem, op de sportklup, mei freonen, op skoalle mei de learkrêft, yn de famylje, lykas mei pake en beppe, ensfh.;</li> <li>De learkrêft jout learlingen de opdracht om de minsken yn har omjouwing, lykas heit en mem, pake en beppe, de buorlju, in tante, ensfh. te freegjen nei de talen dy't sy kenne en brûke. De útkomsten wurde bepraat: watfoar taal of talen prate se allegearre? Watfoar taal praat hast net ien?</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) dat meartalich wêze foardielen hat.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>nei te tinken en te bepraten</b> dat alle talige uteringen in betsjutting hawwe en dat it kennen fan meardere talen derfoar soarget datst de wrâld om dy hinne better begripe kinst;</li> <li><b>te ûnderfinen</b> dat se in soad talen om har hinne hawwe en begripe kinne;</li> <li>it Frysk <b>te brûken</b> yn ynteraksje mei oaren.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft wiist de learlingen op Fryske en Ingelske teksten yn de (lear)omjouwing, bygelyks op de klean fan learlingen, of nimt foto's en foarbylden mei. De learkrêft freget oft learlingen witte wat de teksten betsjutte en ûndersiket de betsjutting derfan yn ynteraksje mei de bern;</li> <li>De learkrêft leart learlingen om yn ferskate talen te groetsjen en lit harren dat mei-inoar oefenje. Dêrfoar wurdt gebrûk makke fan de (thús)talen fan de learlingen.</li> </ul>
Bewustwurding	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om har frij te fielen om it Frysk te brûken.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>deistige rûtinen yn it Frysk <b>út te fieren</b>;</li> <li>ferskes mei te sjongen of <b>op te sizzen</b> en wurden en sinnen yn boartlike settingen nei te sizzen;</li> <li>yn Fryske toanielfoarstellingen <b>mei te spyljen</b> en Frysktalige ferhalen <b>nei te spyljen</b>;</li> <li>ûnder it frij boartsjen Frysk <b>te praten</b> mei inoar en mei de learkrêft.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft soarget foar in lege praatdrompel troch geregeld Frysktalige ferskes oan te bieden dy't learlingen mei har allen meisjonge kinne. De learkrêft moediget de bern oan om mei te sjongen en te bewegen;</li> <li>De learkrêft jout learlingen de romte om yn it Frysk te fertellen, bygelyks oer it wykein of nei oanlieding fan in Frysk printeboek.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) dat talen ûnderdiel binne fan wa'tst bist.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûndersykjen</b> watfoar en hoefolle talen oft se likefolle Fryske as Nederlânske wurden kenne;</li> <li><b>te ûndersykjen</b> hokker en hoefolle talen as se sels kenne en watfoar taal as se it measte brûke.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft freget learlingen nei de talen dy't se prate en lit learlingen de flaggen fan de talen kleurje op kaartsjes. Dêrnei stelt er fragen: yn hokker taal bisto liik? Yn hokker taal dreamst? Hokker taal praatsto it leafste? As antwurd hâlde de learlingen it kaartsje mei de flagge omheech.</li> </ul>
Taalverenning en Taalbewustwurding	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) oer ferskillen en oerienkomsten tusken it Frysk, it Nederlânsk en eventuele oare (thús) talen yn klank en foarm (=taalferkenning).</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>it Frysk en it Nederlânsk (en eventueel oare talen) op wurdnivo mei-inoar <b>te ferlykjen</b> op klank en foarm.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft biedt (tema)wurden sawol skriftlik as mûnling oan yn ferskate talen en hinget dy op in sichtber plak yn it lokaal of set de kaartsjes op de tematafel. Bygelyks: noas (Frysk), neus (Nederlânsk), nose (Ingelsk). Alle talen ha in eigen fêste kleur. Ferskillen en oerienkomsten tusken wurden wurde ûndersocht. Learlingen kinne ek ferskillen yn de útspraak ûntdekke, bygelyks dat de iene Fries /each/ seit en de oare /eech/. Der kin ek omtinken wêze foar de oerienkomsten tusken Frysk en Nederlânsk. Bygelyks /ik/, /pet/, /bad/, mar ek de letterfoarmen, de lêsrjochting, ensfh.</li> </ul>

Boustiennen pû ûnderbou   Groep 1-4   IDENTITEIT & TAAL YN BEWEGING Grutte opdracht 1: Ferkenning fan de Fryske taal en meartalich taalbewustwêzen			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbyldsituaasjes   Ideeën foar didaktysk hanneljen en oanbod
Taalferkenning en Taalbewustwurding	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) om kontekst (lykas plaatsjes, foarwerpen, gebearten, mimyk en yntonaasje), har eigen foarkennis en har meartalich repertoire yn te setten om (koarte) petearen, ferhalen of fertellingen yn it Frysk te begripen (metalinguïstysk bewustwêzen).</li> </ul> <p><i>NB: Dêrby brûke se har algemiene taalbewustwêzen.</i>  <i>- De relaasje tusken foarm en betsjutting.</i>  <i>- It bewustwêzen dat wurden, gebearten en bylden mei-inoar gearhingje.</i></p>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûnderfinen en te bepraten</b> dat sy sprutsen en skreaune teksten yn it Frysk of oare nije talen begripe kinne troch har meartalich repertoire en taalbewustwêzen te brûken;</li> <li>geregeld <b>te harkjen</b> nei Frysktalige teksten, ferskes en petearen en <b>mei te praten en te sjongen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lêst (printe)boeken foar of toant digitale printeboeken yn it Frysk. De learkrêft soarget foar in dúdlike kontekst, wiist by it lêzen nei eleminten op de platen, brûkt mimyk en gebearten, ensfh. De learlingen jouwe dêrnei antwurd op fragen en der wurdt bepraat hoe't it komt dat se it ferhaal dóchs begrepen ha, ek as se it Frysk net (sa goed) kenne;</li> <li>De learkrêft lit geregeld Frysktalige teksten hearre mei in konkrete kontekst. Tink oan petearen tusken klassegenoaten of petearen op telefyzje of ynternet en troch nei lietsjes en ferskes te harkjen. In gastdosint of in gids (by in ekskurzje) kin ek Frysk prate.</li> </ul>
Taal yn beweging	<ul style="list-style-type: none"> <li>n.f.t.</li> </ul>		
	<ul style="list-style-type: none"> <li>n.f.t.</li> </ul>		

	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbyldsituaasjes   Ideeën foar didaktysk hanneljen en oanbod
Meartalige realiteit	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) dat der yn Fryslân, Nederlân en dêrbûten meardere talen en taalfariëteiten praat wurde, lykas Frysk en Nederlânsk, en hoe't dy talen har ta inoar ferhâlde.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûndersykjen</b> watfoar talen foarkomme yn har direkte omjouwing, yn Fryslân en yn Nederlân;</li> <li><b>te ferlykjen</b> yn hoefier it Frysk, it Nederlânsk en oare talen yn har direkte omjouwing yn de provinsje en yn Nederlân foarkomme en wannear't se brûkt wurde.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft jout learlingen de opdracht om mei help fan in fragelist of ynterview te ynventarisearjen watfoar talen yn har direkte omjouwing praat wurde. De ferhâlding tusken de talen kin oanlieding wêze foar in petear oer de posysje en de wearde fan talen;</li> <li>De learkrêft hinget in grutte lân- of wrâldkaart op en learlingen jouwe oan wêr't se wenje, berne binne en wol ris west ha. Dat wurdt mei flachjes op de kaart oanjûn. Der wurdt bepraat watfoar talen op dat plak of yn dat lân praat wurde en hokker as se sels prate. Nei oanlieding fan it oersjoch kin bepraat wurde dat der, krekt as yn Fryslân, mear plakken op 'e wrâld binne dêr't meardere talen of taalfariëteiten praat wurde. Learlingen ûndersykje hoe't yn dy gebieten mei de ferskate talen omgien wurdt en presintearje dat oan inoar.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) dat sysels en oaren oer in meartalich repertoire beskikke en dat sy de talen op ferskate mominten ynsette kinne om de Frysktalige en meartalige wrâld om har hinne (better) te begripen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûndersykjen</b> hoe faak sy it Frysk en oare talen alle dagen tsjinkomme yn sprutsen en skreaune foarm;</li> <li><b>te ûndersykjen</b> hoefolle minsken om har hinne Frysk prate, watfoar oare talen dy minsken kenne en hoe faak se dy talen brûke;</li> <li><b>nei te tinken en te bepraten</b> wannear't sy Frysk, en oare talen dy't se kenne, brûke (thús, op skoalle, mei freonen en famylje, ensfh.) en wat redenen binne om fan taal te wikseljen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft stimulearret learlingen om op 'e siik te gean nei Frysktalige en oarstalige uteringen yn har deistich libben. Bygelyks troch te sjen yn de krante, op ferpakkingen, yn de social media, om har hinne ûnderweis nei skoalle, ensfh. De learkrêft nimt ek in tal foarbylden mei, bygelyks ferpakkingen, gebrûksoanwizing fan in apparaat, hantlieding fan in spultsje, reklameposters, klean mei Ingelske of Frânske tekst, wurden of útspraken lykas @Home, foto's fan oanwizingen op strjitte lykas <i>tút en derút</i>, ensfh. Learlingen beprate yn groepkes wat de betsjutting is fan alle foarbylden en meitsje gebrûk fan har eigen en inoars talerepertoire en ûntdekke watfoar talen as se al (in bytsje) kenne.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) dat meartalich wêze foardielen hat en hokker dat binne.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te bepraten</b> wat de foardielen fan meartaligens wêze kinne foar harsels en foar oaren;</li> <li><b>te ûnderfinen</b> datst mei in meartalich repertoire nije talen begripe en leare kinst.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft organisearret petearen yn grutte of lytse groepkes dêr't learlingen yn beprate wat de foardielen binne fan it kennen fan meardere talen. De learkrêft leit in tal situaasjes foar, bygelyks ast mei fakânsje bist, ast oansprutsen wurdst troch in toerist of ast nije buorlju krigest dy't gjin Frysk of Nederlânsk ferstean kinne;</li> <li>De learkrêft presintearret Fryske útspraken en teksten en lit learlingen yn groepkes beprate wat dy betsjutte. De groepkes binne heterogeen as it giet om taaleftergrûn sadat learlingen inoars talekennis brûke kinne. De learkrêft stimulearret learlingen om it Frysk te ferlykjen op lûd en op foarm mei wurden dy't se al kenne yn oare talen om sa de betsjutting te efterheljen.</li> </ul>
Bewustwurdig	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) dat it fanselssprekkend is dat it Frysk brûkt wurdt op skoalle en yn de provinsje en om har frij te fielen om it Frysk te brûken.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>it Frysk alle dagen om har hinne <b>te hearren en te sjen</b> yn de skoalle;</li> <li><b>ûndersyk te dwaan</b> nei it brûken fan it Frysk yn de (social) media;</li> <li><b>te sjen en te harkjen</b> nei Frysktalige radio, telefyzje, flogs en podcasts, ensfh.; respekt te krijen foar oaren dy't Frysk of in oare taal prate.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft soarget foar in learomjouwing dy't learlingen as fansels yn ferbân bringt mei it Frysk. Bygelyks 'famkes/jonges' op de húskes, Frysktalige berjochten yn de nijsbrief, skoalkrante en de webside, Frysktalige posters, learkrêften dy't Frysk mei-inoar prate, ensfh.;</li> <li>De learkrêft makket by saakfakken of tematysk ûnderwiis gebrûk fan sprutsen en skreaune Fryske boarnen, lykas ynformative filmkes en teksten út 'e krante, op de radio, telefyzje en ynternet. Troch ûnder lessen fan saakfakken Nederlânske boarnen oan te foljen mei Fryske boarnen dy't nije ynformaasje tafoegje, wurdt it harkjen, sjen en lêzen fan Fryske boarnen nijsgjirrich, funksjoneel en fanselssprekkender.</li> </ul>

	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbyldsituaasjes   Ideeën foar didaktysk hanneljen en oanbod
Bewustwurding	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) dat talen en taalfariëteiten ûnderdiel binne fan wa'tst bist.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>yn byld te bringen</b> watfoar talen en/of taalfariëteiten se sels brûke en watfoar wearde of funksje dy talen foar har hawwe;</li> <li><b>nei te tinken en te bepraten</b> watfoar talen as se wannear brûke (thús, op skoalle, mei freonen en famylje, ensfh.) en wat redenen wêze kinne om fan taal te wikseljen;</li> <li><b>har miening te foarmjen</b> oer it gebrûk fan it Frysk yn en bûten Fryslân en it gebrûk fan oare talen yn en bûten Fryslân.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft jout learlingen de opdracht om in taalportret yn te kleurjen en yn twa- of fjouwertallen te fertellen oer har taalportret. Learlingen sjogge en hearre watfoar taal wichtich foar ien is en watfoar funksje in taal foar ien hat ('de taal fan skoalle' of 'de taal fan it gefoel');</li> <li>De learkrêft lit learlingen neitinke oer it learen fan Frysk en oare talen, troch fragen te stellen lykas: moastst altyd en oeral dyn eigen taal prate meie? Wannear wol en wannear net? Moat in Fries Nederlânsk prate of moatte Nederlânsktaligen yn Fryslân Frysk leare? Oan de oarder komt hoe't it fielt om yn de eigen taal oansprutsen te wurden of om op grûn fan dyn taal ôfwiisd te wurden. Yn dy diskusje kinne ek maatskiplike redenen en politike redenen foar taalbehâld ynbrocht wurde.</li> </ul>
Taalferkenning en taalbewustwêzen	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) dat Frysk, taalfariëteiten yn Fryslân en Nederlân (en eventueel oare talen) oerienkomsten en ferskillen hawwe yn (ienfâldige) regels, grammatikale struktueren en konvinsjes, en om dy kennis te brûken by it learen fan it Frysk.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei ynstruksjes en útlis oer de ferskillen en oerienkomsten tusken Frysk en Nederlânsk (en oare talen) yn stavering en útspraak en dêrmei te oefenjen;</li> <li>sels oerienkomsten en ferskillen yn stavering en útspraak</li> <li><b>te ûntdekken</b> troch it Frysk en Nederlânsk (en eventueel oare talen) op wurd-, sin- en betsjuttingsnivo mei-inoar te ferlykjen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft jout lê- en staveringсынstruksjes en lit sjen dat in tal lûden fan it Frysk itselde is as yn it Nederlânsk, dat guon lûden (hiel) oars binne en dat it Frysk kapkes en streekjes brûkt. De learkrêft lit learlingen patroanen ûntdekke lykas vakantie-fakânsje, traditie-tradysje en dat de telwurden yn it Nederlânsk en Frysk itselde opboud binne (wylst Ingelsk oars is), ensfh.;</li> <li>De learkrêft lit learlingen ûndersyk dwaan nei taalrelaasjes tusken Fryske wurden en wurden yn oare talen: tsiis (Frysk), cheese (Ingelsk), kaas (Nederlânsk), Käse (Dútsk). De learlingen ûntdekke dat wurden lykje kinne op wurden yn har eigen talerepertoire as it giet om klank en foarm en datst dêr gebrûk fan meitsje kinste om nije talen en har brûkers te begripen.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) om gebrûk te meitsjen fan de kontekst (plaatsjes, foarwerpen, gebearten, mimyk, ensfh.) en it eigen talerepertoire om oaren, dy't yn it Frysk (of har eigen taal) prate, te ferstean.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûnderfinen en te bepraten</b> dat sy sprutsen en skreaune teksten yn it Frysk of talen oars as it Nederlânsk begripe kinne troch gebrûk te meitsjen fan har meartalich repertoire en taalbewustwêzen;</li> <li>geregeld <b>te harkjen</b> nei Frysktalige teksten, ferskes en petearen en dy te bepraten op ynhâld en betsjutting.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft en/of learlingen nimme in foarwerp fan thús mei dat har dierber is en fertelle deroer yn har eigen taal/yn it Frysk. De learlingen krije de opdracht om gebrûk te meitsjen fan oanwize, útbyldzje en gebearten om harren ferhaal te ferdúdlikjen;</li> <li>De learkrêft lêst in Fryske tekst foar of lit learlingen nei Fryske fertellingen en foarstellingen harkje. De learlingen fetsje gear of sette de tekst oer nei it Nederlânsk of in oare thústaal. (Dat is ekstra útdaagjend by in tekst op rym, omdat dy 'frijer' oerset wurde moat.)</li> </ul>
Taal yn beweging	<ul style="list-style-type: none"> <li>(8) dat it Nederlânsk en oare talen it Frysk beynfloedzje en oarsom.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>it ferskil tusken lienwurden en ynterferinsjes <b>te bestudearjen en te sykjen</b> nei foarbylden fan beide yn it eigen Frysk en dat fan oaren;</li> <li><b>te sykjen</b> nei bewizen dat it Frysk feroaret.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft leit it ferskil tusken lienwurden en ynterferinsjes út. Bygelyks: 'kompjûter' is in lienwurd. Mar 'sleutel' is in ynterferinsje, omdat dêr it Fryske wurd 'kaai' foar bestiet. Learlingen harkje en sjogge nei in Frysktalige telefyzje-útstjoering of flog of harkje nei in petear tusken klassegenoaten of lêze in tekst en skriuwe lienwurden en ynterferinsjes op dy't se tsjinkomme;</li> <li>De learkrêft lit learlingen âldere mei nijere teksten ferlykje en lit har ferskillen yn wurden en sinnen beneame. De learlingen ûntdekke dat it Frysk feroaret.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(9) dat der Standertfrysk bestiet en dat it deistich taalgebrûk dêr fan ôfwike kin.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>kwalitatyf goede <b>boarnen te rieplachtsjen</b>, basearre op it Standertfrysk, dêr't se sprutsen en skreaune taalproduksjes fan oaren en harsels mei beoardielje kinne;</li> <li>Fryske teksten nei it Nederlânsk <b>oer te setten</b> en oarsom, mei behelp fan kwalitatyf goede boarnen, basearre op it Standertfrysk.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen harkje nei radiopetearen, podcasts en filmkes op bygelyks social media en lit har alle Nederlânske wurden opskriuwe dy't se hearre. Dêrnei sykje se yn boarnen lykas in (online) wurdboek en oersetwebsites nei goede Fryske alternativen.</li> <li>De learkrêft lit learlingen mei behelp fan boarnen ferskate (mûnlinge en skriftlike) foarbylden fan Fryske dialekten ferlykje mei it Standertfrysk.</li> </ul>



**Boustiennen fû ûnderbou | IDENTITEIT & TAAL YN BEWEGING** Grutte opdracht 1: Ferkenning fan de Fryske taal en meartalich taalbewustwêzen

	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbyldsituasjes   Ideeën foar didaktysk hanneljen en oanbod
Meartalige realiteit	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) dat er binnen Fryslân, Nederland, Europa en de rest van de wereld meerdere talen worden gesproken, hoe die talen zich tot elkaar verhouden en dat er in de wereld vergelijkbare taalsituaties zijn zoals in Fryslân als officieel tweetalige provincie.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>kennis te nimmen</b> fan offisjele dokuminten oer (it behâld fan) it Frysk;</li> <li><b>op 'e siik te gean en kennis te nimmen fan</b> ferlykbere taalsituasjes lykas dy yn Fryslân;</li> <li><b>ûndersyk te dwaan</b> nei Fryske taalfariëteiten yn en bûten Fryslân;</li> <li><b>ûndersyk te dwaan</b> nei en in <b>miening te foarmjen</b> oer 'de macht fan taal'</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen in ûndersyk dwaan nei de taalfariëteiten yn Fryslân. Dat dogge se bygelyks troch boarnen te besjen en ynterviews ôf te nimmen. Se bringe yn kaart watfoar taalfariëteiten as praat wurde;</li> <li>De dosint makket learlingen yndachtich op dokuminten lykas it Europeesk Hantfest foar regionale en minderheidstalen en brûkt dy as oanlieding foar in petear oer de ferhâlding tusken Frysk en Nederlânsk yn Fryslân en de rest fan Nederlân.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) dat sysels oer in meartalich repertoire beskikke, dat repertoire hieltyd fierder útwreidzje kinne en dat sy de talen op ferskate mominten ynsette kinne om sprutsen en skreaune teksten yn it Frysk en oare talen te ferwurkjen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>nei te tinken en te bepraten</b> yn hoefier se Nederlânsk en Frysk prate kinne en hoe faak as se dy talen brûke;</li> <li><b>nei te tinken en te bepraten</b> watfoar talen as se sels neist Frysk en Nederlânsk noch mear kenne (of oan it learen binne) en wannear't se dy talen brûke;</li> <li><b>te ûnderfinen</b> datst troch in groeiend talerepertoire hieltyd better nije talen begripe kinst en leare kinst.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint leit de learlingen ferskate talen foar, lykas: Frysk, Noarsk, Spaansk, Russysk en Sineesk. De learlingen geane op 'e siik nei skaaimerken en wurden dy't se kenne út talen út har eigen talerepertoire. Sy ûntdedde dat talen mear of minder besibbe oaninoar binne, dat nije talen net grizelich binne, mar nijsgjirich en datst leare kinst om se te begripen troch gebrûk te meitsjen fan dyn folsleine talerepertoire;</li> <li>De dosint biedt learlingen rike, ynformative Fryske teksten oan en lit har gearwurkje om de goede ynformaasje út de tekst te heljen. Dêrby meitsje learlingen gebrûk fan inoars talerepertoire om wurdbejuttingen en de ynhâld te begripen en antwurden op fragen jaan te kinnen.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) dat meartalich wêze foardielen hat en om oan oaren út te lizzen wat dy foardielen binne.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>oer de foardielen fan meartaligens <b>te hearren en te lêzen</b> en meartaligen te freegjen watfoar foardielen as sy sels sjogge;</li> <li><b>te skriuwen</b> en oan oaren <b>te fertellen</b> oer de foardielen fan meartalichheid, bygelyks yn in diskusje of in betooch.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint fertelt oer de foardielen fan meartaligens of lit learlingen dêr ûndersyk nei dwaan op ynternet of troch teksten oan te bieden. De learlingen formulearje de foardielen yn eigen wurden yn it Frysk (en eventueel oare talen) en ferwurkje se yn in poster.</li> </ul>
Bewustwurdig	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) dat it Frysk in sosjaal en maatskiplik belang hat foar harsels en oaren en om har frij te fielen om it Frysk te brûken.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>har <b>in miening te foarmjen</b> oer brûken fan it Frysk en oare talen en taalfariëteiten yn en bûten Fryslân;</li> <li><b>respekt te krijen</b> foar oaren dy't Frysk of in oare taal prate;</li> <li><b>te bepraten of te beskriuwen</b> wat foar harsels en oaren de sosjale en maatskiplike foardielen binne fan it behearskjen fan it Frysk;</li> <li><b>te bepraten of te beskriuwen</b> wat de sosjale en maatskiplike foardielen fan meartalichheid binne foar harsels en oaren.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen yn groepkes of yn in rûntepetear beprate watfoar foardielen it Frysk en/of meartaligens biedt foar in takomstich berop: Yn watfoar beroppen is it Frysk fan mearwearde? Yn watfoar sektoaren moastst 'dyn talen kenne'?</li> <li>De dosint begjint in petear oer it belang fan it learen fan Frysk nei oanlieding fan dokuminten lykas it Europeesk Hantfest foar regionale en minderheidstalen, de beliedsnota Fan geunst nei rjocht of it minskerjocht Rjocht op ûnderwiis yn de memmetaal (sûnt 2020);</li> <li>De learkrêft jout learlingen de opdracht om Fryske websites te besjen en te bepraten wat foar bedriuwen de wearde is fan in Fryske website.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) dat taal ûnderdiel is fan dyn identiteit en keppele is oan de maatskiplike en sosjale netwurken dêr't sysels en oaren diel fan útmeitsje.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûnderfinen</b> dat se har yn de iene taal better uterje kinne as yn de oare;</li> <li><b>yn byld te bringen</b> watfoar talen en taalfariëteiten as se sels brûke en watfoar wearde of funksje dy talen en taalfariëteiten foar har hawwe;</li> <li><b>nei te tinken en te bepraten</b> watfoar talen as se wannear brûke en wat redenen foar har binne om fan taal te wikseljen;</li> <li><b>te ûnderfinen</b> dat petearen dêr't de ien in oare taal yn brûkt as de oare net raar binne.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen in koart ferhaaltsje oer harsels skriuwe yn de thústaal of in taalfariëteit en sette dy oer, ôfhinklik fan har thústaal, nei it Frysk of Nederlânsk of yn in taalfariëteit (bygelyks strjittaal). Dêrnei tinke se nei oer de nije tekst: kinne alle skaaimerken ien op ien oerset wurde of binne der siswizen of wurden dy't net goed oer te setten binne? Kinst dysels yn alle talen like goed útdrukke?;</li> <li>De dosint lit learlingen yn twatallen in (útskreaune) dialooch opfiere. De iene learling praat yn dy dialooch Frysk en de oare in oare taal (bygelyks in eigen thústaal). Dêrnei beprate se of sy in echt petear hiene. Hawwe sy de oar begrepen en reagearre op wat de oar sei, of hawwe se samar wat sein? De konklúzje is dat it foar de kommunikaasje weardefol is om de oar op syn minst ferstean te kinnen. Ast de taal fan de oar sels net praatst, kin de oar miskien dochs syn eigen taal prate, omdatst him wol ferstean kinst.</li> </ul>

Boustiennen fû ûnderbou   IDENTITEIT & TAAL YN BEWEGING Grutte opdracht 1: Ferkenning fan de Fryske taal en meartalich taalbewustwêzen			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbyldsituasjes   Ideeën foar didaktysk hanneljen en oanbod
Taalferkenning en taalbewustwêzen	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) dat Frysk en Nederlânsk (en eventueel oare talen) oerienkomsten en ferskillen hawwe yn ienfâldige en kompleksere regels, grammatikale struktueren en konvinsjes (=taalferkenning).</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûntdekken</b> wat de oerienkomsten en ferskillen yn stavering, útspraak en konvinsjes binne troch Frysk en Nederlânsk (en eventueel oare talen) op wurd-, sins- en betsjuttingsnivo mei-inoar te ferlykjen;</li> <li><b>te harkjen</b> nei ynstruksjes en útlis oer stavering en grammatika en dy te ferlykjen mei de stavering en grammatika fan it Nederlânsk (en oare talen).</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint jout learlingen in Fryske en Nederlânske (en eventueel in tredde taal of taalfariant) ferzje fan in tekst en lit har sykje nei ferskillen yn wurd- en sinsstruktueren en oare opfallende saken. Hoe komt it ferhaal op de taharkers oer yn ferskate talen?;</li> <li>De dosint daget learlingen út om reklameslogans of reklamespots oer te setten nei it Frysk en dy op te nimmen. NB: Slogans en produktnammen freegje faak om in frije oersetting;</li> <li>De dosint jout learlingen Frysktalige boarnen (en boarnen yn oare talen). Unbekende wurden wurde troch de learlingen ûndersocht op foarm en lûd en ferlike mei wurden en lûden yn oare talen om mooglike betsjutting te efterheljen. Der kin dan ek ûntdekt wurde dat guon talen oaninoar besibbe binne.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) dat sy gebrûk meitsje kinne fan har talerepertoire en de kontekst (plaatsjes, foarwerpen, gebearten, mimyk, ensfh.) om sprutsen en skreaune teksten yn it Frysk en oare nije talen te begripen (=metalinguïstysk bewustwêzen).</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûnderfinen en te bepraten</b> dat sy sprutsen en skreaune teksten yn it Frysk of talen oars as it Nederlânsk begripe kinne troch har meartalich repertoire en taalbewustwêzen te brûken;</li> <li>geregeld <b>te harkjen</b> nei Frysktalige teksten, songs, poëzy en petearen en dy te bepraten op ynhâld en betsjutting.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De fakdosint biedt by oare fakken Fryske boarnen oan dy't nije, oanfoljende ynformaasje biede. Dêrtroch wurdt it harkjen, sjen en lêzen fan Fryske boarnen nijsgjirrich, funksjoneel en fanselsprekkender;</li> <li>De dosint lit learlingen Frysktalige ynformative boarnen brûke, lykas: ynformative teksten, Fryske dokumintêren, ensfh. De learlingen wurkje yn groepkes en fetsje relevante ynformaasje gear (mûnling en/of skriftlik) en wurde stimulearre om dat yn it Frysk te dwaan. Om de ynhâld te begripen brûke learlingen inoars talerepertoire.</li> </ul>
Taal yn beweging	<ul style="list-style-type: none"> <li>(8) hoe't it Frysk en Nederlânsk en oare talen inoar beynfloedzje en watfoar rol globalisearring en technologyske en sosjaal-maatskiplike ûntjouwingen dêr by spylje.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>it brûken fan</b> lienwurden, ynterferinsjes te bestudearjen en <b>te sykjen nei</b> foarbylden yn it eigen taalgebrûk en dat fan oaren;</li> <li><b>te sykjen nei</b> bewizen dat it Frysk feroaret troch de komst fan nije wurden.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen in ûndersyk dwaan nei 'fergetten' Fryske wurden troch âldere teksten te lêzen, ynterviews te dwaan of Fryske boarnen te besjen. De learlingen meitsje in kwis mei de wurden dy't se fûn ha of ferwurkje dy yn in gedicht;</li> <li>De dosint jout foarbylden fan ynterferinsjes en bepraat dy en lit learlingen reflektearje op it eigen gebrûk fan ynterferinsjes. Learlingen beprate yn groepkes: Hoe komt it dat talen ynfloed opinoar hawwe, wat kinne oarsaken wêze dat de iene taal de oare mear beynfloedet as oarsom en wannear prate we fan 'goed' Frysk en 'goed' Nederlânsk?;</li> <li>De dosint presintearret nije Nederlânske wurden of lienwurden en lit learlingen Fryske oersettingen betinke.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(9) dat der Standertfrysk bestiet en dat it deistich taalgebrûk dêr fan ôfwike kin.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>kwalityf goede boarnen <b>te rieplachtsjen</b>, basearre op it Standertfrysk, dêr't se sprutsen en skreaune taalproduksjes fan oaren en harsels mei beoardielje kinne;</li> <li>Fryske teksten nei it Nederlânsk <b>oer te setten</b> en oarsom mei behelp fan kwalitatyf goede boarnen basearre op it Standertfrysk.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen de sprektaal op de Fryske radio of telefyzje ferlykje mei it Standertfrysk. De learlingen skriuwe in advys foar de dj of presintator en lizze dat advys út;</li> <li>De dosint lit learlingen Fryske siswizen oersetten nei it Nederlânsk (of oarsom). Bygelyks: hoe seist ik skuor my de bûsen út yn it Nederlânsk? Hoe setst It's raining cats en dogs oer nei it Frysk? Dêr kinne (digitale) boarnen by brûkt wurde.</li> </ul>

GO2: It is al begûn

KURRIKULUM • FRL



Boustiennen pû ûnderbou   Groep 1-4   IT IS AL BEGUN Grutte opdracht 2: De Fryske taal leare en brûke			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Feilich klimaat en differinsjaasje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) dat it Frysk in taal is dy't sysels en oaren brûke meie.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>it Frysk geregeld om har hinne <b>te sjen en te hearren</b>;</li> <li>positive reaksjes <b>te hearren</b> fan learkrêften op Frysktalige uteringen fan harsels en dy fan oaren.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft brûkt in Frysktalige hânpop. Dy praat allinnich Frysk en dêrtroch giet alle ynteraksje as fansels yn it Frysk;</li> <li>De learkrêft jout de romte om Frysk te praten, bygelyks yn de fertelrûnte, yn 1-op-1-petearkes tusken learling en learkrêft, mar ek yn de ynteraksje tusken learlingen sels.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) dat it Frysk net foar elkenien de thústaal is en dat der dêrtroch ferskillen binne tusken learlingen yn it brûken fan it Frysk.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te fertellen</b> oer de eigen thústaal en <b>te harkjen</b> nei oaren as dy fertelle oer har thústaal.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft soarget foar in passende, konkrete kontekst as it Frysk de fiertaal is. Dêrfoar brûkt er (praat) platen, filmkes, foarwerpen, in ynrjochte temahoeke, in ferteltafel mei yntermediêrs, boeken mei plaatsjes, ensfh. De konkrete kontekst aktivearret foarkennis en wurdskat yn de eigen taal en stipet sawol net-Frysktalige as Frysktalige learlingen by it útwreidzjen fan har kennis en Fryske wurdskat.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) dat sy har feardichheid yn it Frysk fergrutsje kinne troch te besykjen en te eksperimintearjen mei de Fryske taal.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>de learkrêft en Frysktalige leeftiidsgenoaten <b>nei te praten</b> (nei te dwaan);</li> <li><b>te besykjen en te eksperimintearjen</b> mei Fryske wurd- en sinskonstruksjes;</li> <li>Fryske ferhalen <b>nei te spyljen en mei te spyljen</b> by dramalessen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft stimulearret learlingen om har taalmooglikheden te brûken en mei te dwaan oan ynteraksjes troch in ferskaat oan fragen en opdrachten. De learkrêft slút oan by de ferskate taalnivo's en fazen fan taalûntjouwing, bygelyks troch ôfwikseling te sykjen tusken sletten fragen, fragen mei ferskate antwurdopsjes en iepen fragen. De klam leit op de ynhâld en it ferleegjen fan de praatdrompel en net op de foarm fan de taal;</li> <li>De learkrêft set de <i>rappagaaimetoade</i> (TPR) yn. De learkrêft jout in opdracht of 'kommando' en de learlingen sizze sinnen nei of fiere de opdracht út. Bygelyks: '<i>Lekker sliepe!</i>' ropt Bear Boeloe op 'e telefyzje. <i>Us mem seit: 'En no op bêd.' Ik sit op 'e grûn. Ik doch de fiter los.</i></li> </ul>
Taal leare en brûke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om boartsjendewei (nije) Fryske wurden te brûken en it Frysk (fersteanber út) te praten. (<b>prate</b>)</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>(rolle)spul en ynteraksje;</li> <li><b>te oefenjen</b> mei de útspraak fan (drege) Fryske wurden troch se <b>nei te sizzen</b> (imitaasje).</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft biedt in rike, talige learomjouwing dêr't learlingen nije wurden yn ûntdekke en stimulearre wurde om it Frysk te brûken. Tink oan Frysktalige (printe)boeken yn kombinaasje mei in ferteltafel en in temahoeke foar rollespul. Om it ûntdekken fan nije wurden en it brûken fan it Frysk te stimulearjen, kin de learkrêft it spil begeliede of deroan meidwaan;</li> <li>De learkrêft moediget learlingen oan om mei te dwaan mei opsiferskes, rymkes en bewegingsferskes lykas 'Hantsjes yn 'e hichte ...'</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om eigen gefoelens en gedachten yn it Frysk ûnder wurden te bringen en Fryskpraters te begripen en op har te reagearjen. (<b>prate en petearen fiere</b>)</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>passende wurden en sinnen te learen troch ynstruksjes en troch <b>te harkjen en te sjen</b> nei Fryskpraters;</li> <li>Frysk <b>te praten</b> yn ynteraksje mei oaren.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit de learlingen dramaspultsjes dwaan dêr't it Frysk de fiertaal yn is en learlingen leare om har yn it Frysk te uterjen;</li> <li>De learkrêft slút by it oplossen fan problemen of spil tusken learlingen oan by har thústaal. Yn dy situaasjes kin it foarkomme dat it iene bern Nederlânsk praat en it oare Frysk. De learkrêft hâldt yn 'e gaten oft de learlingen inoar goed begripe.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) om Fryske foarlêzen ferhalen, fertellingen en oare sprutsen teksten te begripen. (<b>lêze en harkje</b>)</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei ferhalen dy't foarlêzen wurde of oare sprutsen teksten en dy te bepraten;</li> <li>ferhalen <b>nei te spyljen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lêst Frysktalige printeboeken foar en giet mei learlingen nei Frysktalige foarstellingen. De learkrêft stimulearret learlingen om it ferhaal (yn it Frysk) nei te fertellen of nei te spyljen troch bygelyks in bypassende ferteltafel om temahoeke yn te rjochtsjen mei yntermediêrs of ferklaaiersklean.</li> </ul>

Boustiennen pû ûnderbou   Groep 1-4   IT IS AL BEGUN Grutte opdracht 2: De Fryske taal leare en brûke			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Taal leare en brûke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) om ienfâldige, koarte Fryske tekstkes te lêzen en te begripen (groep 3/4). <b>(lêze)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>ienfâldige Frysktalige boekjes <b>te kiezen en te lêzen</b>;</li> <li><b>te harkjen</b> nei lêsynstruksjes fan de learkrêft en <b>te oefenjen</b> mei typysk Fryske lûden.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft biedt learlingen dy't de elemintêre lêshanneling automatisearre hawwe of learlingen dy't nijsgjirrich binne nei Fryske lêsboekjes de mooglikheid om Frysktalige boekjes te kiezen;</li> <li>De learkrêft jout ynstruksjes oer it lêzen fan in oantal typysk Fryske lûden, lykas lange lûden (tid, bêd, âld) of twalûden (wiet, hjoed).</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(8a) dat teksten en boeken ek yn it Frysk skreaun wêze kinne en dat de skriuwwize fan it Frysk oars is as dy fan it Nederlânsk (groep 1/2). <b>(skriuwe)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>de skriuwwize (foarm) fan Fryske en Nederlânske wurden <b>te ferlykjen</b>;</li> <li><b>te eksperimintearjen</b> mei Fryske letters, lettertekens en klanken;</li> <li>Fryske wurden oer <b>te skriuwen of te stimpeljen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft skriuwt wurden op yn in wurdspin of mindmap yn sawol it Nederlânsk as it Frysk (en eventueel oare talen). Alle talen hawwe in eigen kleur. De learkrêft wiist learlingen op it ferskaat oan skriuwwizen en makket har der fan bewust dat beide (of alle) talen skreaun wurde kinne;</li> <li>De learkrêft moediget learlingen oan om op in boartlike manier skreaune produkten te meitsjen. Tink oan in meitsjen fan it útnûging, in boadskipbriefke, in (fantasij)resept, in ynpaklistje, in fakânsjekaartsje, ensfh. As de learling oanjout dat er yn it Frysk skreaun hat, stimulearret de learkrêft him om kapkes en streekjes ta te foegjen. De skriuwprodukten meie flaters befetsje.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(8b) om wurdjes, sintsjes en tekstkes yn it Frysk te skriuwen. <b>(skriuwe)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te eksperimintearjen</b> mei Fryske letters en lettertekens;</li> <li>wurden en sinnen <b>op te sykjen en oer te skriuwen</b>;</li> <li>de skriuwwize (stavering) fan Fryske en Nederlânske wurden <b>te ferlykjen</b>;</li> <li>ynstruksje en troch <b>te oefenjen</b> mei Fryske staveringsregels en grammatika (fan groep 3 en 4 ôf).</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft moediget learlingen oan om yn de lessen Frysk of by oare fakken dêr't it Frysk de fiertaal is, de antwurden op te skriuwen yn it Frysk;</li> <li>De learkrêft jout ienfâldige skriuwoopdrachten, lykas koarte gedichtsjes en ferhaaltsjes, in persoanlik e-mailsje, in koart ferslachje fan in anekdoate, ekskurzje of skoalreise, ensfh. De learkrêft kin der ek foar kieze om skriuwoopdrachten út de reguliere taalmetoade yn it Frysk dwaan te litten.</li> </ul>
Refleksje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(9) om te fertellen watfoar (taal)aktiviteiten as sy yn en oer it Frysk dien hawwe en hoe't dat gie.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te fertellen</b> wat se dien hawwe;</li> <li><b>te bepraten</b> wat se derfan fûnen en hoe't it gie.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft hâldt refleksjepetearkes yn it Frysk mei learlingen. Hy stimulearret har om werom te sjen op in dei of in aktiviteit. De learkrêft begeliedt de refleksje en stelt fragen lykas: Wat fûnst moai om te dwaan? Wat gie goed en wat is goed slagge? Wat fûnst dreech? Wat dochst moarn? Dochst it moarn op deselde wize? ensfh.;</li> <li>De learkrêft jout learlingen de opdracht om in aktiviteit of einprodukt te wurdearjen mei plakplaatsjes of smi-leys. De klam leit op wat learlingen leard hawwe en al kinne. Frysk is de fiertaal en dêrtroch leare de learlingen Fryske wurden dy't se nedich hawwe om har refleksjes yn it Frysk ûnder wurden te bringen.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(10) -</li> </ul>		

Boustiennen pû boppebou   Groep 5-8   IT IS AL BEGUN Grutte opdracht 2: De Fryske taal leare en brûke			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Feilich klimaat en differinsjaasje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) dat it Frysk in taal is dy't sysels, klassegenoaten, learkrêften en oare folwoeksenen brûke kinne.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>it Frysk geregeld om har hinne <b>te sjen en te hearren</b>;</li> <li>learkrêften ûnderinoar Frysk <b>praten te hearren</b>;</li> <li>positive reaksjes <b>te hearren</b> op Frysktalige uteringen fan harsels en oaren.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft soarget foar in learomjouwing dêr't learlingen it Frysk yn hearre en sjogge. Foarbyld: yn it lokaal hingje Frysktalige posters, steane Fryske wurdboeken, Fryske lêsbuochten, ensfh. It Frysk wurdt brûkt yn de kommunikaasje mei learlingen, âlders en oaren, bygelyks op de webside, yn nijsbrieven en yn de skoalgids;</li> <li>De learkrêft jout ek bûten de lessen Frysk om de romte om it Frysk te brûken. Bygelyks as learlingen foarkennis ophelje of ideeën útwikselje, mei-inoar oerlizze of wat oaninoar presintearje.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) dat it Frysk net foar elkenien de thústaal is en dat der dêrtroch ferskillen binne tusken learlingen yn it nivo fan it Frysk en it brûken derfan.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>Fryske en meartalige opdrachten <b>út te fieren</b> yn heterogene groepkes dy't it mooglik meitsje om gebrûk te meitsjen fan inoars taalfeardichheden en talekennis.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft komt temjitte oan it ferskaat oan taaleftergrûnen troch te soargjen foar in dúdlike kontekst as it Frysk de fiertaal is. Dêrfoar makket er gebrûk fan: platen, filmkes, foarwerpen, boeken mei ôfbyldingen, ensfh. De konkrete kontekst aktivearret foarkennis en wurdskat yn de eigen taal en dat stipet sawol net-Frysktalige as Frysktalige learlingen by it fierder útwreidzjen fan har kennis en Fryske wurdskat;</li> <li>De learkrêft jout opdrachten dy't learlingen de mooglikheid biede om inoars taalfeardichheden yn te setten, bygelyks by it begripend lêzen fan in Fryske tekst. Op dy wize ûntstiet as fansels differinsjaasje tusken taalgefoelige learlingen (Frysk- én Nederlânsktalich) en minder taalgefoelige learlingen.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) dat sy har Fryske feardichheden fergrutsje kinne troch te besykjen, fan flaters te learen en nei feedback te harkjen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te eksperimintearjen</b> mei sprutsen en skreaun Frysk en te ûntdekkjen datst dyn taalfeardichheid ûntwikkelje kinst troch ynteraksje en troch flaters te meitsjen;</li> <li>yn ynteraksje <b>te ûnderfinen</b> dat it oerbringen fan in boadskip en it meitsjen fan kontakt belangriker wêze kinne as korrekt taalgebrûk;</li> <li><b>te harkjen</b> nei feedback en dy te brûken om de eigen taalfeardichheid fierder te ûntwikkeljen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft daget learlingen út om it Frysk aktyf te brûken mei leechdrompelige petearkes oer deistige ûnderwerpen, lykas: sport, iten en drinken, hobbys, muzyk, famylje, ensfh. en dy te ferwurkjen yn in aardige, koarte flog, toanielstikje of in lyts gedichtsje;</li> <li>De learkrêft jout skriuwoeddrachten dy't learlingen útdaagje om yn de ferskate fazen fan it tink- en skriuwproses har thústaal te brûken (ek as dy net Frysk of Nederlânsk is). It ûnderwerp leit yn dit gefal ticht by de ûnderfining en belibbingswrâld fan de learlingen. Tuskenprodukten wurde bepraat en oanpast op opbou, sinskonstruksjes en wurdskat (Frysk) en dêrtroch wurde learlingen better yn it praten en skriuwen fan it Frysk.</li> </ul>
Taal leare en brûke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om nije Fryske wurden passyf en aktyf te brûken en it Frysk goed út te sprekken. (prate)</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>nije wurden <b>te ûntdekkjen</b> yn in rike, betsjuttingsfolle kontekst;</li> <li>nije wurden aktyf <b>te brûken</b> yn betsjuttingsfolle opdrachten;</li> <li>Fryske labels <b>te learen</b> by nije konsepten;</li> <li><b>te harkjen</b> nei feedback fan de learkrêft en dy ta te passen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft biedt in rike, talige learomjouwing dêr't learlingen nije wurden yn ûntdekke en dy't stimulearret om it Frysk te brûken. Tink oan: Fryske lês- en ynformaasjeboeken, Fryske wurdboeken, in meartalige tematafel mei labels yn meardere talen, in meartalige wurdmuorre, ensfh. Der wurdt fierders geregeld nei Fryske telefyzjeprogramma's en flogs sjoen, nei Fryske radio en podcasts harke, yn it Frysk (foar)lêzen en der wurde koöperative en ynteraktive wurkfoarmen ynset dy't learlingen aktivearje om it Frysk te brûken;</li> <li>De learkrêft soarget by it learen fan nije konsepten dat sawol it Nederlânske as it Fryske wurd (label) leard wurdt. Dat jildt foar lessen mei it Frysk as fiertaal, mar ek foar lessen dêr't it Nederlânsk fiertaal is.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om eigen gefoelens en gedachten yn it Frysk ûnder wurden te bringen en adekwaat te reagearen op fragen en reaksjes fan Fryskpraters. (prate en petearen fiere)</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>petearen en diskusjes te fieren</b> yn it Frysk;</li> <li><b>te besykjen</b> om de eigen miening ûnder wurden te bringen yn it Frysk, oer ûnderwerpen en ynhâlden dy't ticht by de belibbingswrâld steane.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft jout dramalessen mei it Frysk as fiertaal en de learlingen leare om har yn it Frysk te uterjen. Yn de rollen kin differinsjearre wurde nei (taal)nivo. Drama kin in oanlieding wêze om mei-inoar oer gefoelens, taal- en nivoferskillen te praten;</li> <li>De learkrêft liedt petearen of diskusjes dy't learlingen de romte jouwe om Frysk te praten. Frysktalige learlingen ûntwikkelje dan har thústaal en net-Frysktalige learlingen krije nije ynput en leare om it Frysk better te ferstean. De learkrêft kin fansels ek net-Frysktalige learlingen stimulearje om har miening yn it Frysk te jaan, sadat sy har sprekfeardigens oefenje.</li> </ul>

Boustiennen pû boppebou   Groep 5-8   IT IS AL BEGUN Grutte opdracht 2: De Fryske taal leare en brûke			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Taal leare en brûke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) om Fryske foarlêzen ferhalen, fertellingen en oare sprutsen teksten te begripen en sels Frysktalige fiksje en non-fiksje te lêzen en te begripen. <b>(lêze en harkje)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei Frysktalige sprutsen teksten, oersettingen en petearen;</li> <li><b>te oefenjen</b> mei it lêzen (dekodearjen) fan spesifyk Fryske letterkombinaasjes en klanken;</li> <li>sels in ferskaat oan Frysktalige teksten <b>te lêzen</b> en de ynhâld te begripen en <b>te ferwurkjen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft biedt teksten oan dy't hieltyd wat lestiger wurde: fan Fryske teksten dy't ticht by de belibingswrâld steane nei mear ynformative teksten en oare sjenres;</li> <li>De learkrêft brûkt foar it begripend lêzen of <i>close reading</i> rike en nijsgjirrige teksten (dy't leafst passe by in tema fan wrâldoriïntaasje). <i>Close reading</i> stimulearret learlingen om in tekst meardere kearen te lêzen en hieltyd nije ynformaasje en nije (minder frekwinte) wurden te ûntdekkjen.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) om ynformaasje út Frysktalige sprutsen en skreaune teksten te ferwurkjen. <b>(lêze en harkje)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>Fryske teksten <b>te lêzen</b> fan in tekstnivo dat hieltyd wat lestiger wurdt, fan teksten dy't ticht by de belibingswrâld steane nei ynformative teksten en oare sjenres;</li> <li>teksten <b>te begripen</b> en de ynhâld <b>te ferwurkjen</b> yn wurkstikken en sprekbeurten;</li> <li>ferhalen dy't lêzen binne <b>gear te fetsjen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft brûkt it Frysk as fiertaal by saakfakken en folget de CLIL-didaktyk en/of brûkt by de saakfakken Frysktalige boarnen dy't nije ynformaasje tafoegje;</li> <li>De learkrêft stimulearret learlingen om in sprekbeurt of boekbesprek yn it Frysk te dwaan.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(8a) om ienfâldige aspekten fan de Fryske grammatika- en staveringsregels ta te passen yn skriuwopdrachten. <b>(skriuwe)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei de útlis oer ienfâldige grammatika en staveringsregels yn it Frysk;</li> <li>bekende staveringsregels <b>ta te passen</b> yn skriuwprodukten;</li> <li>(eigen) skriuwopdrachten <b>te kontrolearjen</b> op learde staveringsregels en grammatika.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft jout ynspirearjende en oansprekkende skriuwopdrachten, lykas it betinken fan in Fryske (of meartalige) rap. Learlingen kinne gebrûk meitsje fan inoars talerepertoire, fan (online) wurdboeken, staveringshifkers en oersetsoftware;</li> <li>De learkrêft leart learlingen om skriuwprodukten altyd sels te kontrolearjen op struktuer, sinsbou en stavering en om de tekst op grûn fan dy kontrôle te ferbetterjen. Learlingen kinne dêrby gebrûk meitsje fan inoars taalfeardichheid en fan (online) wurdboeken, staveringshifkers en oersetsoftware. Op dy manier ferbetterje sy har Fryske skriftlike en mûnlinge feardichheden.</li> </ul>
Refleksje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(9) om te reflektearjen op hoe't sy wurke hawwe oan skriftlike en mûnlinge taalproduksjes en dy produkten te wurdearjen en te beoardieljen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>eigen taalproduksjes <b>te ferlykjen</b> mei kritearia;</li> <li>eigen taalproduksjes <b>te beoardieljen</b> yn relaasje ta kritearia of skoalnoarmen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft stimulearret learlingen om (eigen) skriuwprodukten en mûnlinge taalproduksje te wurdearjen troch de ynhâld te ferlykjen mei wat yn it rrf beskreaun stiet of mei in selsevaluaasjeinstrumint (GRIP). Learlingen stelle sels it nivo fan har tekst fêst en jouwe in wurdearring. Dêrby hâlde se rekken mei har eigen taaleftergrûn en algemiene taalfeardigens.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(10) om persoanlike doelen te stellen foar har Fryske taalûntjouwing yn relaasje ta de kwaliteitskritearia en (skoal)noarmen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>kennis te nimmen</b> fan doelen/kritearia lykas it rrf;</li> <li>eigen taalproduksjes <b>te sammeljen</b> yn in portfolio en it taalnivo te ferlykjen mei kritearia lykas it rrf;</li> <li><b>te reflektearjen</b> op de eigen ûntjouwing en de eigen mooglikheden yn te skatten.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen geregeld eigen taalproduksjes sammelje en selektearje foar yn it Fryske (of meartalige) taalportfolio. De learkrêft stelt refleksjefragen en stimulearret learlingen om nije (eventueel hegere) ambysjes te kiezen.</li> </ul>

Boustiennen fû ûnderbou   IT IS AL BEGUN Grutte opdracht 2: De Fryske taal leare en brûke			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Feilich klimaat en differinsjaasje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) dat it Frysk in taal is dy't sysels, klassegenoaten, learkrêften en oare folwoeksenen brûke kinne yn ynformele en formele (lear)situaasjes.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>it Frysk geregeld om har hinne <b>te sjen</b>;</li> <li><b>te hearren</b> dat dosinten en oare folwoeksenen yn de skoalle ûnderinoar Frysk prate;</li> <li><b>te ûndersykjen</b> yn watfoar formele situaasjes Frysk praat wurdt;</li> <li>positive reaksjes <b>te hearren</b> op Frysktalige uteringen fan harsels en oaren.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint soarget foar in learomjouwing dêr't it Frysk in serieuus plak yn hat en dêr't learlingen it Frysk geregeld yn hearre en sjogge. Bygelyks: yn de gongen hingje Frysktalige posters en Frysktalich wurk fan learlingen, yn meardere lokaal steane Fryske wurdboeken, yn de mediateek steane Fryske (lês)boeken. It Frysk wurdt brûkt yn de kommunikaasje fia de webside, yn nijsbrieven en yn de skoalgids;</li> <li>De dosint jout yn de les geregeld de romte om it Frysk te brûken, bygelyks by oerlis-, <i>brainstorm</i>- en presintaasje-opdrachten.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) dat it Frysk net foar elkenien de thústaal is en dat der dêrtroch ferskillen binne tusken learlingen yn behearskingsnivo en yn de moed om it te praten en te skriuwen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>Fryske opdrachten <b>út te fieren</b> yn heterogene groepkes dy't it mooglik meitsje om inoars taalfeardichheden en talekennis te brûken.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint jout opdrachten dy't learlingen de mooglikheid jouwe om inoars taalfeardichheden yn te setten, bygelyks by it begripen fan ynformative of literêre teksten. Troch gear te wurkjen ûntstiet natuerlike differinsjaasje tusken taalgefoelige bern (Frysk- én Nederlânsktalich) en minder taalgefoelige bern;</li> <li>Fakdosinten dy't har fak yn it Frysk jouwe, brûke de CLIL-didaktyk om derfoar te soargjen dat sawol de kennis-as de taaldoelen helle wurde.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) dat sy har Fryske feardichheden fergrutsje kinne troch oer de praat- en skriuwdrumpel te stappen en feedback te jaan en te ûntfangen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te eksperimintearjen</b> mei sprutsen en skreaun Frysk dat past by har taalnivo;</li> <li>yn ynteraksjes <b>te ûnderfinen</b> dat it oerbringen fan in boadskip en it meitsjen fan kontakt weardefoller wêze kin as korrekt taalgebrûk;</li> <li><b>gear te wurkjen</b> oan Fryske opdrachten;</li> <li><b>feedback te jaan en te ûntfangen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint brûkt drama om te stimulearjen dat learlingen it Frysk doarre te praten en te skriuwen. Yn de dramalessen wurde rollen ôfstimd op de nivoferskillen fan learlingen;</li> <li>De dosint lit learlingen yn groepkes in toanielstikje yn it Frysk betinke, oefenje en útfiere. Dêr komme meardere taaldomeinen by oan 'e oarder. De learlingen kinne inoars algemiene en meartalige taalfeardichheden brûke en inoar helpe en feedback jaan.</li> </ul>
Taal leare en brûke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om nije Fryske wurden passyf en aktyf te brûken, it Frysk korrekt út te sprekken en har Fryske taalgebrûk hieltyd better ôf te stimmen op it doel, it publyk en de taalsituaasje. <b>(prate)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>nije wurden <b>te ûntdekken</b> yn in rike, betsjuttingsfolle kontekst dy't past by de hjoeddeiske en takomstige (berops)wrâld;</li> <li>nije wurden <b>aktyf te brûken</b>;</li> <li>Fryske labels <b>te learen</b> by nije konsepten;</li> <li><b>te harkjen</b> nei feedback fan de learkrêft en dy ta te passen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De (fak)dosint soarget by it learen fan nije konsepten dat sawol it Nederlânske as it Fryske wurd (label) leard wurdt. Dat jildt foar lessen mei it Frysk as fiertaal, mar ek foar lessen mei it Nederlânsk as fiertaal;</li> <li>De dosint biedt in rike, talige learomjouwing dêr't learlingen nije wurden yn ûntdekke en dy't stimulearret om it Frysk te brûken. Tink oan: Fryske (lês)boeken, Fryske wurdboeken, ferskate mediafoarmen, lykas Fryske telefyzjeprogramma's, flogs, radio en podcasts.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om eigen gefoelens, gedachten en mieningen yn it Frysk ûnder wurden te bringen en adekwaat te reagearjen op fragen, reaksjes en mieningen fan minsken dy't Frysk prate. <b>(prate en petearen fiere)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>petearen en diskusjes te fieren</b> yn it Frysk;</li> <li><b>te besykjen</b> om yn it Frysk har eigen <b>miening ûnder wurden te bringen</b> oer ûnderwerpen dy't ticht by de belibbingswrâld steane.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint brûkt drama om yn te spyljen op nivoferskillen en om learlingen oer de skriuw- en praatdrumpel te helpen, bygelyks mei behelp fan it projekt Praat mar Toaniel. Dêryn wurde les- en praatopdrachten differinsjearre en kinne alle learlingen op eigen nivo meidwaan;</li> <li>De dosint lokket diskusjes en petearen út dy't learlingen de romte jouwe om Frysk te praten. Yn sokke petearen ûntwikkelje Frysktaligen har thústaal, wylst net-Frysktaligen nije ynput krije en leare om it Frysk better te ferstean. De learkrêft kin fansels ek net-Frysktalige learlingen stimulearje om har miening yn it Frysk te jaan, sadat sy har sprekfeardichheid oefenje.</li> </ul>



Boustiennen fû ûnderbou   IT IS AL BEGUN Grutte opdracht 2: De Fryske taal leare en brûke			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Taal leare en brûke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) om Fryske foarlêzen ferhalen, fertellingen en oare sprutsen teksten te begripen en sels Frysktalige fiksje en non-fiksje te lêzen en te begripen. <b>(lêze en harkje)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei Frysktalige sprutsen teksten lykas ynterviews en petearen op 'e telefyzje, radio, social media of ynternet en út te wikseljen wat se heard hawwe;</li> <li><b>te oefenjen</b> mei it lêzen (dekodearjen) fan spesifike Fryske letterkombinaasjes en klanken;</li> <li>sels in ferskaat oan Frysktalige teksten <b>te lêzen</b>;</li> <li>ferhalen dy't se lêzen hawwe <b>gear te fetsjen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen geregeld sjen en harkje nei ynterviews en petearen tusken Frysktaligen oer ûnderwerpen dy't te meitsjen hawwe mei in fak of in berop;</li> <li>De dosint jout útlis en ynstruksje oer spesifike Fryske letterkombinaasjes en klanken.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) om ynformaasje te ferwurkjen út Frysktalige sprutsen en skreaune teksten. <b>(lêze en harkje)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>ferskate soarten Fryske teksten <b>te lêzen</b> dy't hieltyd wat dreger wurde;</li> <li>teksten <b>te begripen, dêroer te praten en de ynhâld te ferwurkjen</b> yn wurkstikken en sprekebeurten.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De (fak)dosint biedt in ferskaat oan Frysktalige teksten oan dy't hieltyd wat lestiger wurde, as it giet om de lingte, de wurdskat en de hoemannichte ynformaasje dy't deryn oerbrocht wurdt. Learlingen lêze dy teksten en gean op 'e siik nei de relevante ynformaasje troch gear te wurkjen. De dosint stimulearret learlingen mei alderhande fragen om te soargjen dat se de tekst meardere kearen ûndersykje om nije ynformaasje, ferbannen en betsjuttingen te ûntdekken;</li> <li>De (fak)dosint lit learlingen yn 'e kunde komme mei in ferskaat oan Frysktalige teksten, lykas krante-artikels, ynformative teksten, fiksje, poëzij, lektuer en Frysktalige strips.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(8) Fryske grammatika en staveringsregels fan it Standertfrysk en hoe't dy tapast wurde moatte yn skriuwopdrachten. <b>(skriuwe)</b></li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>ynstruksje en <b>te oefenjen</b> mei ienfâldige grammatika en staveringsregels fan it Frysk;</li> <li>bekende staveringsregels <b>ta te passen</b> yn skriuwopdrachten.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint jout alle groepkes útlis oer in oare staverings- of grammatikaregel. De learlingen oefenje mei dy regel en jouwe dêrnei har klassegenoaten ynstruksje oer dy regel;</li> <li>De dosint jout learlingen de opdracht om in Fryske blog te skriuwen. De learlingen moatte staverings- en grammatikaregels tapasse. De dosint foarsjocht yn goede boarnen, dy't learlingen brûke kinne om har skriuwprodukten te ferbetterjen en oanpasse te litten neffens it Standertfrysk.</li> </ul>
Refleksje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(9) om kritysk te reflektearjen op har behearsking fan it Frysk op de fiif domeinen en har taalprodukten te wurdearjen en te beoardieljen op basis fan standerdisearre kritearia.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>eigen taalproduksjes <b>te ferlykjen</b> mei kritearia;</li> <li>eigen taalproduksjes <b>te beoardieljen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen oan it begjin en oan de ein fan it skoaljier in meitsje en de twa skoares mei-inoar ferlykje. Learlingen kinne sjen oft se foarút gien binne;</li> <li>De dosint jout learlingen selsevaluaasje-ynstruminten (GRIP of kritearia om op de eigen mûnlinge en skriftlike feardichheden reflektearje te kinnen.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(10) om in persoanlike ambysje en byhearrende tuskendoelen op te stellen oer har eigen Fryske taalûntjouwing op de fiif domeinen op grûn fan selsrefleksje en standerdisearre kritearia.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>kennis te nimmen</b> fan doelen/kritearia lykas it rrF;</li> <li>eigen taalproduksjes <b>te sammeljen</b> yn in portfolio;</li> <li><b>te reflektearjen</b> op de eigen ûntjouwing en in ynskatting te meitsjen fan de eigen mooglikheden;</li> <li><b>te reflektearjen</b> op it eigen winsklike taalnivo yn relaasje ta har ferantwurdlikheidsgefoel foar it Frysk fan no en de takomst.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen geregeld eigen taalproduksjes byinoar sette en selektearje foar yn har Frysk (of meartalich) taalportfolio. Learlingen kinne bygelyks Fryske taalprodukten ferlykje mei dy fan Nederlânsk en op grûn dêrfan doelen stelle. Learlingen kinne ek doelen stelle troch yn it rrF te sjen of selsevaluaasjes te brûken. De dosint kin helpe by dy refleksje troch fragen te stellen en kin learlingen stimulearje om de latte heger te lizzen;</li> <li>De dosint lit de learlingen in Fryske brief oan harsels skriuwe foar oer tsien jier: prate se dan noch Frysk? Bringse se har bern grut yn it Frysk? Watfoar rol spilet it Frysk dan yn har wurk? Ensfh.</li> </ul>

GO3: Sjoch om 'e hoeke

KURRIKULUM • FERL

A decorative white wavy line is positioned below the word 'FERL'.

Boustiennen pû ûnderbou   GROEP 1-4   SJOCH OM 'E HOEKE Grutte opdracht 3: Fryske taal en kultuer yn it no, it ferline en de takomst			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Kennisoerdracht	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) om har te ferwûnderjen oer aspekten fan de Fryske kultuer yn har direkte omjouwing, lykas: spesifike skaaimerken fan it lânskip, gebouwen, boeken en tradysjes.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei útlis en ferhalen fan de eigen learkrêft of gastdosint bygelyks mei help fan Frysktalige lesmetoaden, ynformative media, foarwerpen en foarbylden, ekskurzjes, ensfh., wylst Frysk safolle mooglik de fiertaal is;</li> <li>de Fryske kultuer <b>te belibjen en te ûnderfinen</b> troch besites te bringen oan monuminten, bylden en fenomenen yn it Fryske lânskip (bygelyks de terpen) yn har direkte omjouwing en te harkjen nei de byhearrende Frysktalige ferhalen, wylst it nivo fan de taal en de ynhâld ôfstimd is op it jonge bern.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft nimt learlingen mei de natuer yn en fertelt oer de greidefûgels fan Fryslân of lit dêr in ekspert oer fertelle. De learlinge leare om de fûgels te werkennen mei help fan ôfbyldingen en audiofragminten. De fûgelnammen wurde sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk leard. Dêrnei geane de learlingen it fjild yn mei fierrekikers om de fûgels te besjen. Se turvje watfoar fûgels as se sjoen hawwe en hoefolle;</li> <li>De learkrêft nimt learlingen mei op ekskurzje of in kuier troch de direkte omjouwing. Te tinken falt oan in besite oan in gebou of it besjen derfan yn it eigen wenplak of de eigen regio (in tsjerke, in âld hûs of âlde state, it gemeentehûs, in âld of noch wurkjend fabryk), in terp, in byld of monumint, Noarderleech, ensfh.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) -</li> </ul>		
Belibje, ûndersykje en ûntdekke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) in tal wichtige of bekende persoanen en foarfallen yn Fryslân fan it ferline en no kennen dy't passe by de belibbingswrâld fan it jonge bern.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei Frysktalige ferhalen dy't kwa taalnivo en ynhâld geskikt binne foar it jonge bern;</li> <li><b>har yn te libjen</b> yn persoanen en foarfallen út it no en it ferline. Tink oan de Alvestêdetocht, it skûtsjesilen en fierljeppen. Bekende nammen út it ferline lykas Grutte Pier en Abe Lenstra en bekende nammen fan no.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft fertelt it ferhaal fan Grutte Pier, oanpast oan de leeftiid fan de learlingen en lit learlingen it ferhaal neispylje en opfiere;</li> <li>De learkrêft bedobbet foarwerpen of foto's dy't relatearre binne oan de Fryske skiednis yn de sânbak. De learlingen grave dy op (archeology yn de sânbak). Dêrnei besjogge se de foarwerpen en foto's yn de klasse. Se skatte yn wat it foarwerp wêze kin, wêr't it oer giet en wa't der op de foto stiet. Dêrnei bepale de learlingen oft it foarwerp of de foto heart by it ferline, it no of de takomst.</li> </ul>
Refleksje en miening	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) (groep 3-4) om te ûnderfinen dat de Fryske taal in ûnderdiel is fan de Fryske kultuer en identiteit.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>troch <b>diel te nimmen oan</b> organisearre aktiviteiten dy't oriïntearre binne op spesifyk Fryske kultueruterings lykas Fryske sporten en tradysjes, en dêrby omtinken te hawwen foar de byhearrende Fryske taal en wurdskat;</li> <li>musea en tentoanstellingen <b>te besykjen</b> dy't rjochte binne op de Fryske keunst en kultuer en dêrby omtinken te jaan oan de byhearrende Fryske taal en wurdskat;</li> <li>Frysktalige toaniel- en dûnsfoarstellingen <b>te besykjen en deroan diel te nimmen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft giet mei de learlingen nei in Frysktalige foarstelling. Op skoalle wurdt it ferhaal noch ris neiferteld en sels neispile en de learkrêft lit de learlingen dêr it Frysk by brûke;</li> <li>De learkrêft lit learlingen yn 'e kunde komme mei keatsen troch in keatser út te nûgjen dy't de learlingen it spul en de byhearrende Fryske wurden leart.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om te fertellen oer har ûnderfiningen mei Fryske kultueruterings.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>fragen te beäntwurdzjen</b> fan de learkrêft, inoar, gastdosint of oare deskundige nei oanlieding fan lessen, aktiviteiten, ekskurzjes, ensfh.;</li> <li><b>frij te fertellen</b> oer eigen ûnderfiningen en foarfallen yn it ramt fan Fryske kultuer. Learlingen wurde stimulearre om dat yn it Frysk te dwaan en krije feedback yn it Frysk.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen fertelle oer eigen ûnderfiningen. De learkrêft praat sels Frysk of stelt geregeld de fraach oft de learlingen de wurden dy't er brûkt kenne;</li> <li>De learkrêft, gastdosint of deskundige lit learlingen reflektearje op in les, aktiviteit of ekskurzje (bygelyks in keatsles) mei it Frysk as fiertaal. De learkrêft stelt sletten en iepen fragen ôfstimd op it Fryske taalnivo fan de learlingen. De learlingen wurde sa útdage om yn it Frysk oan te jaan wa't se sjoen en heard hawwe en wat se der fan fûnen.</li> </ul>
Frysk as doel- en fiertaal	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) dat it fansels sprekt dat sysels en/of oaren Frysk prate op skoalle.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei de learkrêft dy't Frysk praat yn de les en dy te begripen;</li> <li><b>te harkjen</b> nei Frysktalige auditive foarbylden yn de les;</li> <li>sels <b>Frysk te praten</b> yn de les.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft brûkt konsekwint it Frysk as fier- en ynstruksjetaal en brûkt Frysktalich audityf en fisueel lesmateriaal lykas Fryske filmkes;</li> <li>De learkrêft stimulearret learlingen om yn it Frysk antwurd te jaan op fragen. De fragen wurde yn it Frysk steld en binne kwa nivo ôfstimd op it Fryske taalnivo fan de learling. Tink oan: oanwiisfragen, sletten fragen en iepen fragen.</li> </ul>

	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Kennisoerdracht	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) om spesifike skaaimerken fan de Fryske kultuer (lânskip, arsjitektuer, keunst, literatuer, tradysjes, noarmen en warden) te kennen en te werkennen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei útlis en ynstruksje fan de eigen learkrêft of gastdosint mei bygelyks behelp fan lesmetoaden, ynformative media, foarwerpen en foarbylden, ekskurzjes, ensfh. wylst de fiertaal safolle mooglik Frysk is;</li> <li>monuminten, bylden en fenomenen yn it Fryske lânskip (bygelyks terpen, in binnendyk, heidegebiet, ensfh.) <b>te besykjen en te besjen en te harkjen nei</b> de byhearrende (Frysktalige) ferhalen wylst it nivo fan de taal en de ynhâld ôfstimd is op de groep;</li> <li><b>te ûndersykjen</b> watfoar aspekten fan Fryske kultuer sichtber binne yn har direkte omjouwing;</li> <li>skriftlike en audiofisuele ynformaasje <b>te ferwurkjen</b> ta presintaasjes en wurkstikken.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen in kulturele kaart (Google Earth   Maps) meitsje fan har omjouwing dêr't ûnder oaren monuminten, bylden, spesifike gebouwen en it karakteristike lânskip op oanjûn wurde;</li> <li>De learkrêft lit learlingen ûndersykje wat de funksje is fan terpen en op hoe't it wetter yn Fryslân hjoed-de-dei behearske wurdt, sadat terpen gjin funksje mear hawwe. Learlingen brûke Frysktalige boarnen en meitsje in presintaasje yn it Frysk;</li> <li>De learkrêft lit learlingen in bysûnder gebou of monumint bestudearje en freget de learlingen om dy yn in tiidrek fan de skiednis te pleatsen. De learlingen meitsje sels in presintaasje of filmke dêr't se klassegenoaten mei ynformearje oer it monumint dat sy ûndersocht hawwe. De learkrêft stimulearret de learlingen om Frysk te praten en te skriuwen.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) om in tal bekende histoaryske foarfallen te kennen dy't gienen oer it rjocht om Frysk te praten en yn watfoar hjoeddeiske, formele en ynformele situaasjes it Frysk brûkt wurde mei of de foarkar kriget.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûndersykjen</b> yn watfoar situaasjes of by watfoar gelegenheden it Frysk brûkt wurde mei of brûkt wurde moat;</li> <li><b>nei te tinken en te bepraten</b> oft der taalôfspraken binne yn har eigen omjouwing. Bygelyks: op skoalle, op de sportclub of thús;</li> <li>de hjoeddeiske posysje fan it Frysk <b>te ferlykjen</b> mei de posysje fan oare talen yn Fryslân, Nederlân en/of de wrâld.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft stimulearret learlingen nei oanlieding fan ynformaasje oer Kneppelfreed om har in miening te foarmjen oer it brûken fan it Frysk yn formele en ynformele situaasjes. Learlingen beprate ûnder oaren oft se witte wannear't it wol en net tastien is om Frysk te praten.</li> </ul>
Belibje, ûndersykje en ûntdekke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) om de wichtichste foarfallen en persoanen yn Fryslân, yn relaasje ta de Nederlânske skiednis, te kennen en te begripen en yn de tiid te pleatsen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>Fryske ferhalen <b>te lêzen</b> en dêr nei <b>te harkjen</b> en oer <b>te praten</b>, wylst de fiertaal safolle mooglik Frysk is;</li> <li>Fryske en Nederlânske skiednis <b>te ûndersykjen en te ferlykjen</b> en oerienkomsten en ferskillen te beneamen;</li> <li>har <b>te ferpleatsen yn</b> belangrike persoanen en foarfallen yn it ferline en it no. Bygelyks de slach by Warns en Kneppelfreed, wa wiene Gysbert Japicx, Eise Eisinga en Saskia van Uyenburgh en Friezen dy't no bekend binne yn de wrâld fan polityk, sport of entertainment.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft follet reguliere skiednislessen oan mei skiednislessen út <i>De kanon fan de Fryske skiednis</i> (11en30). As ferwurking meitsje de learling in krante dy't past by dy tiid mei lanlik en regionaal nijs. De learlingen skriuwe de nijsberjochten yn meardere groepkes. De berjochten wurde yn it Frysk skreaun en der wurdt omtinken jûn oan stavering, grammatika en wurdskat;</li> <li>De learkrêft lit de learlingen, eventueel ûnder lieding fan in akteur, in foarstelling betinke oer in ûnderdiel út <i>De kanon fan de Fryske skiednis</i> (11en30). De ynhâld fan de lessen wurdt ferwurke yn rollen, dialogen en sketches.</li> </ul>
Refleksje en miening	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om te begripen en útlizze te kinnen dat de Fryske taal in wichtich ûnderdiel is fan de Fryske kultuer en identiteit en om yn te sjen dat sy in rol spylje yn it behâld dêrfan.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûndersykjen</b> watfoar Fryske wurden, sinnen en siswizen spesifyk binne foar Fryske kultueruteringen lykas Fryske sporten en tradysjes en te beseffen dat de Fryske kultuer net sûnder de Fryske taal kin;</li> <li><b>besites te bringen oan</b> musea en tentoanstellingen dy't rjochte binne op de Fryske keunst en kultuer en te reflekterjen op de byhearrende Fryske taal en wurdskat;</li> <li><b>te berednearjen</b> wat der bart mei de Fryske taal en kultuer as hieltyd minder minsken of net ien mear Frysk praat.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft jout keatsles of hiert ien yn dy't de learlingen les jout. De learlingen leare de spulregels en de byhearrende begripen yn it Frysk. Yn it neibesprek skriuwe de learlingen alle begripen op yn in mindmap. De wurden wurde oerset nei it Nederlânsk en der wurdt ûndersocht oft de oersetting wol altyd deselde betsjutting hat (bygelyks: boppeslach en 'bovenslag'). De learlingen leare op dy manier dat taal en kultuer oaninoar ferbûn binne;</li> <li>De learkrêft lit learlingen ûndersyk dwaan nei typysk Fryske gebrûken, útdrukkingen en siswizen. De learlingen meitsje der in filmke of toanielstikje by;</li> <li>De learkrêft lit de learlingen ûndersykje oft oare provinsjes yn Nederlân ek in Alvestêdetocht hâlde kinne soenen en lit har oaninoar útlizze wêrom wol of net.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om Fryske kultueruteringen te wurdearjen en om dy wurdearing út te lizzen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>de wearde fan de Fryske kultuer foar harsels en oaren <b>te bepraten</b>;</li> <li><b>te beargumintearjen</b> watfoar uteringen wichtich binne foar Fryslân of 'typysk Frysk' binne;</li> <li>de Fryske kultueruteringen <b>te ferlykjen</b> mei dy fan oare provinsjes (en lannen) ynklusyf taal.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft rjochtet yn 'e mande mei de learlingen in eigen Frysk museum yn mei foto's en filmkes fan Fryske kultueruteringen yn de omjouwing en foarwerpen. De learlingen soargje foar ynformaasje by de foto's en foarwerpen. Alles wat skreaun en sein wurdt is beskikber yn it Frysk en eventueel ek yn it Nederlânsk (en oare talen);</li> <li>De learkrêft leit learlingen stellingen en fragen foar lykas: is Grutte Pier in barbaar of in held? Moat de Aldehou ôfbrutsen wurde foardat er echt omfalle sil? ensfh. Dêrnei betinke learlingen sels stellingen of dilemma's oer de Fryske taal en kultuer.</li> </ul>

Boustiennen pû boppebou   GROEP 5-8   SJOCH OM 'E HOEKE Grutte opdracht 3: Fryske taal en kultuer yn it no, it ferline en de takomst			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Frysk as doel- en fiertaal	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) om te begripen wêrom't Frysk as fiertaal brûkt wurdt yn de les.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei de learkrêft dy't Frysk praat ûnder de les en dy te begripen;</li> <li>Fryske teksten <b>te lêzen</b> en yn de les <b>te harkjen</b> nei Frysktalige auditive foarbylden;</li> <li>sels Frysk <b>te brûken</b> yn de les, sawol mûnling as skriftlik;</li> <li>troch <b>te bepraten</b> wat de foardielen binne fan it brûken fan it Frysk yn de les.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft brûkt konsekwiint it Frysk as fier- en ynstruksjetaal en brûkt Frysktalich audityf en fisueel lesmateriaal lykas Frysktalige filmkes;</li> <li>De learkrêft stimulearret learlingen om yn it Frysk antwurd te jaan op sawol mûnlinge as skriftlike fragen en jout feedback dy't learlingen brûke kinne om har Fryske taal- en skriuwfeardichheden te ûntwikkeljen.</li> </ul>

Boustiennen fû ûnderbou   SJOCH OM 'E HOEKE Grutte opdracht 3: Fryske taal en kultuer yn it no, it ferline en de takomst			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Kennisoerdracht	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) om de unike punten fan de Fryske kultuer (lânskip, arsjitektuer, keunst, literatuer, tradysjes, noarmen en wearden) te beneamen en der wat ynformaasje oer te jaan.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei útlis en ynstruksje fan de eigen learkrêft of in gastdosint mei behelp fan Frysktalige lesmetoaden, ynformative media, foarwerpen en foarbylden, ekskurzje, wylst de fiertaal Frysk is;</li> <li>yn de omjouwing fan thús of skoalle <b>op 'e siik te gean</b> nei uteringen fan de Fryske kultuer en te sykjen nei ynformaasje mei behelp fan digitale en skriftlike boarnen en ynterviews;</li> <li>skriftlike en audiofisuele ynformaasje <b>te ferwurkjen</b> ta presintaasjes, wurkstikken en oare (skriuw)produkten.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint organisearret in ekskurzje nei it Waad, nei it kweldersintrum, ensfh. De learlingen meitsje, nei de Frysktalige rûnlieding, yn groepkes op it plak sels in flogje of skriuwe der letter in blog of wiky oer;</li> <li>De dosint leit út dat Fryslân út ferskate 'hoeke' bestiet en lit learlingen ferskillen en oerienkomsten ûndersykje tusken <i>de Klaaihoeke, de Bouhoeke en de Wâlden</i>.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) om de feroaringen yn Fryslân en (dêrmei) de politike status fan it Frysk as minderheidstaal yn de skiednis en hjoed-de-dei te begripen mei behelp fan histoaryske kennis.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûndersykjen</b> watfoar rol de Fryske taal hat yn histoaryske foarfallen;</li> <li><b>kennis te nimmen fan</b> Europeeske ôfspraken oer it Frysk as minderheidstaal;</li> <li><b>ûndersyk te dwaan</b> nei aksjegroepen dy't fjochtsje foar it brûken en it behâlden fan de Fryske taal, wat de ideeën binne dy't efter sokke groepen skûlje en dêr in eigen miening oer te ûntwikkeljen;</li> <li><b>te bepraten</b> watfoar wearde ûnderwiis yn it Frysk hat foar de politike en sosjale posysje fan it Frysk.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint leit út wat de definysje is fan in minderheidstaal en fertelt oer situaasjes dêr't minderheidstalen in rol spylje en hoe't se wol of net beskerme wurde. De learlingen beprate wêrom't it Frysk oan de definysje fan in minderheidstaal foldocht en hoe't it Frysk beskerme wurdt of wurde kin;</li> <li>De dosint presintearret in lege tiidsbalke. De learlingen folje dy tiidsbalke yn groepkes mei de skiednis fan de Fryske taal. Dêr brûke se digitale, skriftlike boarnen foar. De groepkes ferlykje har tiidsbalken mei inoar en folje har eigen balke oan of ferbetterje dy;</li> <li>De dosint leit learlingen de fraach foar: Wêrom is Frysk in taal en gjin dialekt? De learlingen geane yn twa- of trijetallen op 'e siik nei ynformaasje en arguminten. De arguminten wurde klassikaal ynventarisearre.</li> </ul>
Belibje, ûndersykje en ûntdekke	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) om hjoeddeiske foarfallen en foarfallen út it ferline, en persoanen yn Fryslân yn in histoarysk perspektyf te pleatsen yn relaasje ta de nasjonale en mondiale skiednis.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>de Fryske skiednis mei de nasjonale en mondiale skiednis en oerienkomsten en ferskillen <b>te beneamen</b>;</li> <li>har <b>te ferpleatsen yn</b> persoanen en foarfallen yn it ferline en it no. Bygelyks: de slach by Warns en Kneppelfreed. Bekende nammen út it ferline lykas Pieter Jelles Troelstra en Ferdinand Domela Nieuwenhuis en Friezen dy't no bekend binne yn de wrâld fan polityk, sport of entertainment.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint jout skiednislessen oer Fryslân dêr't learlingen yn nei op 'e siik geane nei ynformaasje en ferhalen oer de oarsprong fan Fryske sporten (keatsen, fierljeppen, skûtsjesile en reedride/de Alvestêdetocht) en Fryske sporters út it ferline en it no;</li> <li>De dosint lit learlingen yn de direkte omjouwing sykje nei stânbylden fan persoanen en lit har ûndersykje wa't dy minsken wienen en wannear en wêrom't sy wichtich wienen foar de Fryske skiednis.</li> </ul>
Refleksje en miening	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om út te lizzen hoe't de Fryske taal en kultuer mei-inoar ferbûn binne en hoe't sy sels bydrage (wolle) oan it behâld fan de Fryske taal en kultuer.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te ûndersykjen</b> watfoar Fryske wurden, sinnen en siswizen spesifyk binne foar Fryske kultueruterings lykas Fryske sporten en tradysjes en te beseffen dat de Fryske kultuer net sûnder de Fryske taal kin;</li> <li><b>in besite te bringen oan</b> musea en tentoanstellingen dy't rjochte binne op de Fryske keunst en kultuer en <b>te reflektearjen</b> op de byhearrende Fryske taal en wurdskat;</li> <li><b>te betinken</b> hoe't men yn Fryslân de Fryske taal en kultuer behâlde of beskermje kinne soe en wat sy dêr sels yn betsjutte kinne.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen nei in Frysk nijsfragmint harkje/sjen (fan radio of telefyzje) en lit de learlingen beprate en beärgumintearje oft dat lanlik, regionaal en/of 'typysk Frysk' nijs is;</li> <li>De dosint organisearret in ekskurzje nei ien fan de musea yn Fryslân oer de Fryske kultuer. De learlingen meitsje in ferslach. Se meie de foarm sels kieze: in boekje, in PowerPoint, in filmke of podcast, ensfh.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om de wearde fan Fryske kultueruterings te berednearjen en in eigen fyzje op de wearde fan kultureel erfgoed te ûntwikkeljen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te bepraten</b> en beärgumintearjen watfoar Fryske kultueruterings wearde hawwe foar harsels en foar Fryslân (no en yn de takomst);</li> <li>de Fryske kultueruterings (natuer, lânskip, ynfrastruktuer, mar ek tradysjes en eventueel omgong en taal) <b>te ferlykjen</b> mei dy fan oare provinsjes (en lannen).</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint leit de learlingen in situaasje foar dêr't in Frysk monumint yn sloopt wurdt om plak te meitsjen foar [...]. De learlingen beprate earst yn groepkes de arguminten foar en tsjin de sloop en de bou fan it nije pân. Dêrnei ferwurkje se dat yn in rollespul dat it Frysk as fiertaal hat;</li> <li>De dosint lit learlingen in Frysktalige reklamefolder meitsje dêr't promoasje yn makke wurdt foar de Fryske kultuer fan de eigen streek, stêd of doarp.</li> </ul>

Boustiennen fû ûnderbou   SJOCH OM 'E HOEKE Grutte opdracht 3: Fryske taal en kultuer yn it no, it ferline en de takomst			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Frysk as doel- en fiertaal	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) om te beneamen wat it effekt is op har eigen Fryske taalûntjouwing as Frysk de fiertaal is yn de les.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei de learkrêft dy't Frysk praat ûnder de les en dy te begripen;</li> <li>skriftlike en auditive Frysktalige boarnen <b>te brûken en te ferwurkjen</b>;</li> <li>sels it Frysk <b>te brûken</b> yn de les, sawol mûnling as skriftlik;</li> <li>troch <b>te bepraten</b> wat de foardielen binne fan it brûken fan Frysk yn de les.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint praat korrekt Frysk en brûkt it Frysk konsekwent as fier- en ynstruksjetaal;</li> <li>De dosint ferwachtet fan learlingen dat se yn it Frysk prate en skriuwe yn de les en jout konkrete feedback nei oanlieding fan de taalproduksjes fan learlingen.</li> </ul>

GO4: Sin' en wille

KURRIKULUM • FRL





Boustiennen pû ûnderbou   GROEP 1-4   SIN' EN WILLE Grutte opdracht 4: Taalkeunst & taalwille			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Taalwille	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) om te boartsjen mei de Fryske taal en dêr wille oan te belibjen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>taalspultsjes <b>te dwaan</b>;</li> <li><b>it harkjen nei</b> en meidwaan oan Fryske taalaktiviteiten lykas <b>it opsizen</b> fan ferskes, <b>it meisjongen</b> fan lietsjes en <b>it neispyljen</b> fan ferhalen, ensfh.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft stimulearret taalwille troch learlingen Fryske (opsis)ferskes en lietsjes en byhearrende bewegingen te learen;</li> <li>De learkrêft stimulearret taalwille en taalgefoel foar it Frysk troch mei learlingen ferskate taalspultsjes te dwaan: begjin- en einrym, (wurd)bingo, reaksjespultsjes en fonemyske oefeningen mei de Fryske taal.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) om nei wurden en sinnen te sjen/te harkjen en dy te wurdearjen op betsjutting, klank en foarm.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te sjen en te harkjen</b> nei ferskate Fryske taaluteringen en spesjaal nei klank, foarm, ritme, betsjutting, ensfh.;</li> <li><b>te praten</b> oer it gefoel dat in wurd of in sin opropt troch de (Fryske) klank, de foarm of betsjutting, wylst rekken hâlden wurdt mei it taalnivo fan learlingen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft soarget derfoar dat it Frysk geregeld te hearren is mei behelp fan muzyk, telefyzje, (digitale) printeboeken, sadat learlingen de klanken en de yntonaasje fan it Frysk hieltyd better leare te werkennen;</li> <li>De learkrêft stimulearret taalwille troch learlingen Fryske (opsis)ferskes en lietsjes te learen. De klam leit op klank, ritme, yntonaasje en byhearrende bewegingen.</li> </ul>
Meimeitsje   Belibje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) om te genietsjen fan en ûntspanning te belibjen oan (artistike) Frysktalige uteringen lykas toaniel, gedichten, muzyk en oare foarmen fan taalkeunst.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te sjen en te harkjen</b> nei toaniel- en dûnsfoarstellingen, film of telefyzjeprogramma's, en muzyk;</li> <li><b>mei te dwaan</b> oan Frysktalige kultueraktiviteiten;</li> <li>mei-inoar nei <b>te praten</b> oer de (artistike) Frysktalige kultueruteringen dêr't nei harke, sjoen of oan meidien is.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft organisearret in besite oan in Frysktalige foarstelling yn in teäter of regelet dat de foarstelling op skoalle komt. Nei de foarstelling freget de learkrêft om it ferhaal (yn it Frysk) nei te fertellen en wurdt it ferhaal neispile yn in eigen ferzje. Alders kinne komme te sjen;</li> <li>De learkrêft lit in plaatsje sjen fan in Frysk keunstwurk of nimt de learlingen mei nei it museum. De learlingen krije ynformaasje oer it keunstwurk of de keunstner. De learlingen wurkje dêrnei oan in wurkstik oer it keunstwurk of de keunstner.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om wille en ûntspanning te belibjen oan it harkjen nei Frysktalige foarlêzen ferhalen en oarsoartige teksten lykas gedichten. (= Lêsmotivaasje, literatueredukaasje)</li> </ul> <p><i>Goed om te witten: Dit doel is ferbûn mei GO7 Leesmotivatie en literaire competentie (Nederlânsk). Feardichheden dy't yn it kurrikulum Nederlânsk leard wurde, kinne ek leard of tapast wurde yn it kurrikulum Frysk as Fryske teksten en boeken sintraal steane. Tink oan feardichheden lykas:</i></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>- bewustwurding dat ferhalen mear en minder oerienkomme kinne mei de werklikheid;</li> <li>- de belangrykste persoanen, de ferhaalline en ferbanen yn de tekst beneame kinne;</li> <li>- foarsizzingen dwaan kinne oer hoe't in ferhaal fierder giet en ôfrint.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>mei begryp <b>te harkjen</b> nei Fryske printeboeken en ferhalen dy't ynteraktyf foarlêzen wurde;</li> <li>lêsboeken en teksten <b>te kiezen en te lêzen</b> út in ryk, fariearre, oantreklik en hjoeddeisk oanbod fan Fryske ferhalen, printeboeken, ynformative teksten en boeken, ferskes en gedichtsjes;</li> <li>ferhalen <b>nei te spyljen</b> yn in temahoeke, by de ferteltafel of mei in fertelkastje of poppekast;</li> <li>mei-inoar lestige wurden of Frysk taaleigen lykas siswizen yn in tekst <b>te bepraten</b>;</li> <li>yn it Frysk <b>te fertellen of te skriuwen</b>, of te tekenjen oer eigen ûnderfiningen mei it lêzen fan en harkjen nei Fryske boeken.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lêst ynteraktyf foar mei behelp fan yntermediêrs (hânpop, bistefigueren, ensfh.). De learlingen kinne it ferhaal by de ferteltafel mei-inoar, of ûnder begelieding fan de learkrêft, neispylje en dêr de yntermediêrs by brûke. De learkrêft stimulearret de learlingen om Frysk te praten. De learkrêft lit learlingen in tekening meitsje by in foarlêzen ferhaal of gedicht en hinget dy op yn de skoalle;</li> <li>De learkrêft nûget in Fryske ferhaleferteller út dy't de learlingen in Frysk ferhaal fertelt. De learlingen ferwurkje it ferhaal mei in bewegingsspul, tekening of skriuwopdracht;</li> <li>De learkrêft lêst in Frysk gedicht foar en lit de learlingen it gedicht neispylje, útbyldje of in tekening meitsje oer it ferhaal.</li> </ul>

Boustiennen pû ûnderbou   GROEP 1-4   SIN' EN WILLE Grutte opdracht 4: Taalkeunst & taalwille			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Meitsje   Kreearje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om eigen ideeën, ûnderfiningen, gefoelens en tinzen op ekspressive wize foarm te jaan mei de Fryske taal.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te fantasearjen en assosjearjen</b> nei oanlieding fan Fryske wurden, sinnen, teksten of oare bylden;</li> <li><b>te eksperimintearjen</b> mei de Fryske taal yn spultsjes, wurkstikken en tekeningen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen in eigen fariant op in Frysk (foarlêzen) ferhaal betinke troch se frij boartsje te litten mei de ferteltafel;</li> <li>De learkrêft rjochtet in útnûgjende skriuw-stimpelhoeke yn mei Fryske foarbylden (en eventueel oare talen) en jout learlingen de romte om mei it Frysk (en oare talen) te eksperimintearjen;</li> <li>De learkrêft freget de learlingen wat har moaiste (Fryske) wurd is en lit har in skilderij meitsje fan of by dat wurd.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) om Fryske ferhalen (nei) te fertellen, (nei) te spyljen, (nei) te tekenjen en sels te skriuwen mei it Frysk as doel- en fiertaal.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>ferskate soarten teksten <b>te betinken en te skriuwen</b> yn it Frysk, lykas (fantasij)ferhalen, gedichtsjes, ferskes of ferskes;</li> <li>nei it skriuwen har Fryske skriuwproduksjes <b>te kontrolearjen</b> op grammatika en staveringsregels, passend by har leeftiid.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft stimulearret learlingen om sels in poppekastfoarstelling te betinken. Om it Frysk in rol te jaan yn dy foarstelling moat de hânpop of de bear (dy't allinnich Frysk ferstiet en praat) ek in rol krije;</li> <li>De learkrêft jout dramalessen dêr't it Frysk aktyf en passyf yn brûkt wurdt.</li> </ul>
Refleksje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) om ienfâldige wearde-oardielen te formulearjen oer keunstsinnige en kreative Frysktalige produksjes.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>mei-inoar <b>te praten</b> oer (eigen) keunstsinnige en kreative Frysktalige uteringen en dêr ienfâldige, persoanlike reaksjes op te jaan.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft stimulearret de learlingen om in miening te foarmjen oer (eigen) keunstsinnige of kreative Frysktalige uteringen mei behelp fan smileys, troch har reagearjen te litten op in skeal of troch fragen te stellen en antwurdopsjes te jaan: <i>Fynsto dit skilderij leaf of stoer? Krijsto fan dit skilderij in bliid gefoel of in fertrietlik gefoel? Fynsto it knap fan de skilder of net? Ensfh.</i></li> </ul>

	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Taalwille	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) om kreatyf gebrûk te meitsjen fan de Fryske taal en dêr wille oan te belibjen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te boartsjen</b> mei de Fryske taal yn taalspultsjes en kreative opdrachten;</li> <li><b>te harkjen</b> en <b>mei te dwaan, mei te sjongen</b> mei Fryske (opsis)ferskes, gedichten en muzyk.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen in alfabetposter meitsje mei Fryske wurden dy't har in posityf gefoel jouwe. Dat kinne wurden wêze dy't se moai klinken fine, mar it kin ek wêze om de betsjutting fan in wurd;</li> <li>De learkrêft lit learlingen boartsje en oefenje mei Fryske tongbrekkers lykas: <i>Bûter, brea en griene tiis; wa't dat net sizze kin, is gjin oprjochte Fries</i> (Grutte Pier), <i>Rearikke rierreljirre</i> en <i>Ha jo jo jojo wol by jo? As jo jo jojo net by jo hawwe, dan meie jo wol even mei myn jojo jojoë.</i></li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) om Fryske taal as objekt en keunstfoarm te belibjen en in persoanlik wearde-oardiel te jaan troch te reflektearjen op betsjutting, foarm en klank.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te harkjen</b> nei ferskate Fryske mûnlinge taaluteringen;</li> <li><b>te praten</b> oer it gefoel dat in wurd of in sin opropt troch de (Fryske) klank, de foarm of betsjutting, wylst rekken hâlden wurdt mei it taalnivo fan de learlingen;</li> <li><b>ûnder wurden te bringen</b> wat sy fan beskate klanken, wurden, sinnen en Frysk as taal yn it algemien fine, keppele oan emoasje en gefoel.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit de learlingen twa of trije gedichten lêze. De learlingen kieze hokker fan de trije har it measte oansprekt. Se lizze har kar oaninoar út: Binne it de wurden, de klanken of de betsjutting fan it gedicht dy't beskiedend wiene foar har kar?;</li> <li>De learkrêft presintearret in oantal Fryske útspraken, lykas: <i>Better de búk te barsten, as it iten bedoarn; As hy syn holle op it kessen leit, slept syn kont al of De grize giet my oer de grouwe.</i> De learlingen betinke oersettingen yn oare talen. Klinkt of betsjut it dan noch itselde? Se betinke in eigen Fryske siswize.</li> </ul>
Meimeitsje   Belibje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) om nei (artistike) Frysktalige uteringen lykas toaniel, foardrachten, gedichten, muzyk en oare foarmen fan taalkeunst te harkjen en te sjen en in eigen miening te foarmjen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te sjen en te harkjen</b> nei toanielfoarstellingen, iepenloftspullen, Frysktalige musicals en films, flogs, foardrachten, muzyk en rap;</li> <li><b>mei te dwaan oan</b> Frysktalige kultueraktiviteiten en <b>it spyljen fan</b> Frysktalige games; mei-inoar <b>te evaluatearjen</b> en wurden te jaan oan de eigen ûnderfining en miening.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft organisearret in besite oan in Frysktalige foarstelling of in berne-iepenloftspul. Yn it foar krije de learlingen ynformaasje oer de foarstelling en nei de besite wurdt der evaluatearre;</li> <li>De learkrêft lit learlingen ferskate Frysktalige presintaasjes sjen, lykas it waarberjocht fan Piet Paulusma, in Frysktalige flog, in stikje út in Frysk ynterview. De learkrêft stelt refleksjefragen: foar wa binne dizze filmkes? Wat makket de filmkes geskikt foar dat publyk? Wat sprekt dy oan? Wêrom? Wat soest oars dwaan?;</li> <li>De learkrêft lit learlingen nei Frysktalige muzyk harkje, bepraat de betsjutting en lit learlingen neitinke oer de wearde fan Frysktalige muzyk.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om Frysktalige kreative en literêre teksten te begripen en derfan te genietsjen. (= Lêsmotivaasje, literatuere-dukaasje)</li> </ul> <p><i>Goed om te witten: Dit doel is ferbûn mei GO7 Leesmotivatie en literaire competentie (Nederlânsk). Feardichheden dy't yn it kurrikulum Nederlânsk leard wurde, kinne ek leard of tapast wurde yn it kurrikulum Frysk as Fryske teksten en boeken sintraal steane. Tink oan feardichheden lykas:</i></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>- lêsfoarkar ûntwikkelje foar bepaalde ynhâld, sjenres en skriuwers;</li> <li>- ynsjoch krije yn de situaasje, personaazjes, karakterûntjouwing en ferhaallinen;</li> <li>- it analysearjen fan literêre, fisuele en retoaryske middels en it effekt derfan útlizze;</li> <li>- tekstynhâld ferbine kinne mei eigen libben en identiteit.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>lêsböeken en teksten <b>te kiezen en te lêzen</b> út in ryk, oantreklik en hjoeddeisk oanbod mei in grutte fariaasje oan Fryske literêre teksten en boeken;</li> <li><b>te harkjen</b> nei boekpresintaasjes oer Fryske boeken en skriuwers troch learkrêft en learlingen;</li> <li>sels in <b>boekpresintaasje te jaan</b> nei it lêzen fan in Frysk boek;</li> <li>literêre <b>petearen te fieren</b> oer Fryske literatuer;</li> <li>yn it Frysk <b>te fertellen</b> of te skriuwen oer de eigen ûnderfining mei it lêzen fan of harkjen nei Fryske boeken;</li> <li>lestige wurden en spesifike Fryske útspraken of siswizen yn de tekst <b>op te sykjen</b> yn in (online) wurdboek of te bepraten.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen in Frysk boek lêze en nûget dêrnei de skriuwer út om te fertellen oer syn boek en om learlingen foar te lêzen. De learlingen kinne de skriuwer fragen stelle oer syn wurk;</li> <li>De learkrêft lit learlingen mei-inoar, yn duo's of yndividueel Fryske boeken of Fryske teksten lêze dy't passe by in saakfaktema. Dêrnei wurdt it boek of de tekst ferwurke neffens de refleksjemetodyk fan Aidan Chambers of wurdt in literêr petear hâlden neffens de wurkwize fan Gertrud Cornelissen.</li> </ul>

Bouwstenen PO BOVENBOUW   GROEP 5-8   SIN' EN WILLE Grote opdracht 4: Taalkunst & Taalplezier			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Meitsje   Kreearje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om de Fryske taal te brûken om op in ekspressive manier foarm te jaan oan eigen ideeën, ûnderfiningen, gefoelens en tinzen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te fantasearjen en te assosjearjen</b> nei oanlieding fan wurden, sinnen, teksten of oare bylden;</li> <li><b>te eksperimintearjen</b> mei de Fryske taal yn spultsjes, gedichten, wurkstikken en tekeningen</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft dielt in meartalich gedicht út en lêst dat mei de klasse. Dêrnei meitsje de learlingen yn groepkes sels in gedicht yn meardere talen. De 'basistaal' fan it gedicht is Frysk. Dêrnei drage de learlingen de gedichten oaninoar foar en/of meitsje der posters fan dy't ophongen wurde yn de skoalle;</li> <li>De learkrêft lit muzyk hearre en de learlingen betinke der Fryske wurden en bewegingen by of learlingen meitsje in harkspul by in Frysk gedicht.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) om Fryske ferhalen te betinken, te fertellen, te spyljen of te skriuwen en eigen ideeën ûnderfiningen, gefoelens en tinzen te uterjen mei it Frysk as doel- en fiertaal.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>ferskate soarten teksten <b>te betinken en te skriuwen</b> yn it Frysk wylst learlingen stimulearre wurde om de Fryske grammatika, taal- en staveringsregels ta te passen. Tink oan de opbou fan ferhalen, ferskate dichtfoarmen, resinsjes, reklame(spot)s, betogen, ensfh.;</li> <li>yn de lêste faze fan it skriuwen de eigen teksten te kontrolearjen en de learde Fryske grammatika en staveringsregels <b>ta te passen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen yn twatallen Fryske ferhalen betinke mei storycubes. De iene persoan goait de dobbelstien en betinkt in ferhaal, de oare skriuwt it ferhaal op. As beide persoanen in ferhaal betocht hawwe wurde de ferhalen op 'e nij skreaun. Der wurdt dan tocht om grammatika, taal- en staveringsregels. Koarte ferhalen kinne op in poster ferwurke wurde;</li> <li>De learkrêft lit learlingen skoalnijs skriuwe en opnimme. Learlingen leare de opbou fan in krante-artikel of nijsitem op it sjoernaal, mar ek hoe't se goede ynterviewfragen betinke moatte. It nijs wurdt ferwurke ta in krante of in sjoernaalopname. Dy kin pleatst wurde op de site fan de skoalle/groep. Foar publikaasje wurde teksten kontrolearre op korrekt Frysk mei behelp fan goede (digitale) boarnen.</li> </ul>
Refleksje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) om (eigen) keunstsinnige en kreative Frysktalige produksjes te wurdearjen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>mei-inoar <b>te reflektearjen</b> op (eigen) keunstsinnige en kreative Frysktalige uteringen wylst sjoen wurdt nei ûnder oare taal- en wurdgebrûk, betsjutting, effekt op harsels en op de oar;</li> <li><b>te reflektearjen</b> op de kwaliteit fan tusken- en einprodukt yn relaasje ta it doel;</li> <li>it Fryske taalnivo fan it (eigen) einprodukt <b>te wurdearjen</b> yn relaasje ta de (eigen) taaleftergrûn en ambysje.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De learkrêft lit learlingen inoars wurk besjen en leart har om yn it Frysk posityf krityske feedback te jaan troch feedbackopsjes oan te bieden dêr't se út kieze kinne;</li> <li>De learkrêft lit learlingen har einprodukt ferlykje mei yn it foar opstelde taaldoelen, bygelyks út it rrf, en lit har it eigen Fryske taalnivo ynskatten. De learkrêft differinsjearret de doelen of lit learlingen dêr sels in útspraak oer dwaan.</li> </ul>

Boustiennen fû ûnderbou   SIN' EN WILLE Grutte opdracht 4: Taalkeunst & taalwille			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Taalwille	<ul style="list-style-type: none"> <li>(1) om de Fryske taal kreatyf te brûken en dêr wille oan te belibjen en in positive attitude foar it Frysk te ûntwikkeljen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te boartsjen</b> mei de Fryske taal yn kreative opdrachten;</li> <li><b>te harkjen</b> nei Fryske gedichten en dy foar te dragen;</li> <li><b>te harkjen</b> nei Frysktalige popmuzyk en <b>mei te sjongen</b>.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lit learlingen yn har omjouwing sykje nei foarbylden fan Fryske taaluteringen. De learlingen meitsje der foto's fan. De dosint lit learlingen op in ynteraktive manier oer de foto's fertelle;</li> <li>De dosint lit learlingen sykje nei Frysktalige muzyk en/of muzyk dy't makke is troch Friezen. Yn de les wurdt der nei harke, op reflektearre en foarmje de learlingen in eigen miening.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(2) om de skjintme fan de Fryske taal te ûnderfinen en te reflektearjen op de betsjutting, foarm en klank fan ekspressive Fryske taaluteringen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>út te lizzen</b> watfoar gefoel as sy krije by it hearren of sjen fan bepaalde Fryske wurden, sinnen en útspraken as gefolch fan de klank, foarm of betsjutting;</li> <li>har <b>in miening foarmje te litten</b> oer de skjintme fan it Frysk en taal yn it algemien.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint lêst in Frysktalich gedicht of tekst foar mei de goede útspraak en yntonaasje, sadat de klank en de foarm fan de taal omtinken krije. De learlingen oefenje dat gedicht of in gedicht nei eigen kar en drage dat oaninoar foar;</li> <li>De dosint lit in Frysk gedicht of liettekst oersetten nei it Nederlânsk en/of oarsom. De learlingen beprate oft it ritme en de skjintme fan it gedicht/it liet itselde bliuwt of dat it feroaret. Se beprate talige oplossingen. Om gefoelmsjittich sa ticht mooglik by it orizjineel te kommen sil der 'frijer' oerset wurde moatte.</li> </ul>
Meimeitsje   Belibje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(3) om nei (artistike) Frysktalige uteringen lykas toaniel, foardrachten, gedichten, muzyk en oare foarmen fan taalkeunst te harkjen en te sjen en dy te wurdearjen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te sjen en te harkjen</b> nei toaniel- en dûnsfoarstellingen, Frysktalige musicals en films, flogs, foardrachten, muzyk en rap;</li> <li><b>mei te dwaan</b> oan Frysktalige kultueraktiviteiten en it spyljen fan Frysktalige games;</li> <li>mei-inoar <b>te reflektearjen</b> op de (artistike) Frysktalige kultueruteringen dêr't nei harke of sjoen is, of oan meidien is, en wurden te jaan oan de eigen ûnderfining en miening.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint organisearret in ekskurzje nei in museum yn Fryslân, nei in Frysktalige toanielfoarstelling of nei in Fryske film. Foar de besite krije de learlingen in les dêr't eftergrûnen en ynformaasje yn jûn wurde. As ferwurking meitsje learlingen in poster of presintaasje of dogge se in oare kreative opdracht dêr't se de Fryske taal by brûke en dêr't se har ûnderfining en miening yn ferwurkje;</li> <li>De dosint nûget in dichter of skriuwer út. Learlingen lêze foar de komst minimaal ien gedicht of boek fan dy skriuwer en wurkje oan de hân fan 'Lezen voor de lijst' oan in oantal opdrachten oer it boek en de skriuwer. Yn de gastles kinne learlingen fragen stelle oan de skriuwer oer it gedicht of it boek.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(4) om Frysktalige literêre teksten te begripen, te wurdearjen en derfan te genietsjen. (= Lêsmotivaasje, literatueredukaasje)</li> </ul> <p><i>Goed om te witten: Dit doel is ferbûn mei GO7 Leesmotivatie en literaire competentie (Nederlânsk). Feardichheden dy't yn it kurrikulum Nederlânsk leard wurde, kinne ek leard of tapast wurde yn it kurrikulum Frysk as Fryske teksten en boeken sintraal steane. Tink oan feardichheden lykas:</i></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>- troch it lêzen de wrâld better kennen leare en oaren en harsels dêrtroch better begripe kinne;</li> <li>- it ûntwikkeljen en útwreidzjen fan de lêsoarkar foar beskate ynhâld, literêre sjenres, skriuwers en teksten út ferskate perioaden;</li> <li>- ynsjoch krije yn kompleksere situaasjes, personaazjes, karakterûntjouwing, ferballinen;</li> <li>- it werkennen fan ferskate</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>lêsoeken en teksten <b>te kiezen en te lêzen</b> út in ryk, oantreklik en hjoeddeisk oanbod mei in grutte fariaasje oan Fryske literêre teksten en boeken;</li> <li><b>te harkjen</b> nei Fryske literêre teksten en boeken en Fryske harkboeken en dy mei-inoar te lêzen;</li> <li><b>te harkjen</b> nei boekpresintaasjes oer Fryske boeken en skriuwers troch de dosint en klassegenoaten;</li> <li>sels in <b>boekpresintaasje te jaan</b> nei it lêzen fan in Frysk boek;</li> <li>yn it Frysk <b>te fertellen</b> of te skriuwen oer eigen ûnderfiningen mei it lêzen en harkjen nei Fryske boeken;</li> <li>lestige wurden en spesifike Fryske útspraken of siswizen yn de tekst <b>op te sykjen</b> yn in (online) wurdboek of te bepraten.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint fiert lêsbefoarderingsprojekten út;</li> <li>De dosint brûkt it tydskrift LinKk om learlingen ynformative teksten ynterviews lêze te litten en dêr in klassepetear oer fiere te litten;</li> <li>De dosint presintearret ien kear yn 'e moanne ien of twa Fryske boeken. De dosint fertelt koart wat oer it ferhaal (wa, wat, wêr en wannear), wa't de skriuwer is, lêst in stikje foar of lêst in stik mei de groep. De learlingen jouwe oan oft it boek har moai taliket troch de tomme omheech of omleech te stekken. Ien fan de learlingen kin it boek meinimme;</li> <li>De dosint dielt trije ferskillende teksten út: in fragmint út in boereroman fan 50 jier lyn, in modern boek oer in ûnderwerp dêr't (hast) in taboe op sit en in stik poëzij. De learlingen lêze de trije teksten en beprate hokker tekst har it measte oansprekt en kinne dy kar ûnderbouwe mei arguminten.</li> </ul>

Boustiennen fû ûnderbou   SIN' EN WILLE Grutte opdracht 4: Taalkeunst & taalwille			
	De learlingen leare ...	Dat leare sy û.o. troch	Foarbylden   ideeën didaktysk hanneljen en oanbod
Meitsje   Kreëarje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(5) om eigen ideeën, ûnderfiningen, gefoelens en tinzen op in ekspressive manier foarm te jaan en dêr de Fryske taal by te brûken.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li><b>te fantasearjen en assosjearjen</b> nei oanlieding fan Fryske wurden, sinnen teksten of oare bylden;</li> <li><b>te eksperimintearjen</b> mei it Frysk en de taalregels troch de taal as objekt te brûken.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint daget learlingen út om foar nije wurden of lienwurden Fryske wurden te betinken. De útkomsten wurde presintearre en der wurdt stimd foar de bêste of orizjineelste opsje;</li> <li>De dosint jout learlingen de opdracht om in stopmotionfilmke te meitsjen en dat Frysktalich yn te sprekken;</li> <li>De dosint jout learlingen in Frysktalige tekst. De learlingen streekje nei eigen kar wurden en wurdliiden wei oant der in Frysk gedicht oerbliuwt.</li> </ul>
	<ul style="list-style-type: none"> <li>(6) om utering te jaan oan eigen ideeën, ûnderfiningen, tinzen en gefoelens mei behelp fan ferskate literêre foarmen fan taal mei it Frysk as doel- en fiertaal.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>ferskillende soarte Fryske teksten <b>te betinken en te skriuwen</b> en dêr de Fryske grammatika, taal- en staveringsregels op ta te passen. Tink oan de opbou fan ferhalen, ferskate dichtfoarmen, resinsjes, reklame(spot)s, betogen, ensfh.;</li> <li>yn de lêste skriuwfaze de eigen teksten <b>te kontrolearjen</b> en learde Fryske grammatika, taal- en staveringsregels ta te passen.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint nimt in oantal ferskillende kranten mei en lit learlingen ûndersykje watfoar rubriken in krante hat. Dêrnei meitsje learlingen yn groepkes sels in Frysktalige krante. Se beprate watfoar rubriken der yn de krante komme moatte. Neist foarmjouwing en styl is ek korrekt Frysk wichtich;</li> <li>De dosint lit learlingen yn twa- of trijetallen ferhalen betinke mei behelp fan storycubes. De ferhalen wurde opskreaun en ferbettere op struktuer en retoaryske middelen. Der wurdt ek om tocht dat learlingen de learde taal- en staveringsregels tapasse;</li> <li>De dosint lit learlingen in Frysk ferhaal skriuwe dat hieltyd trochjûn wurdt: nei alle sinnen wurdt it papier trochjûn en skriuwt de folgjende learling in ferfolch op wat er lêst.</li> </ul>
Refleksje	<ul style="list-style-type: none"> <li>(7) om in beredenearre oardiel te jaan oer (eigen) keunstsinnige en kreative Fryske produksjes.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>mei-inoar <b>te reflektearjen</b> op (eigen) Frysktalige uteringen as it giet om taal- en wurdgebrûk, betsjutting, effekt op harsels of op de oar;</li> <li><b>te reflektearjen</b> op de kwaliteit fan it einprodukt yn relaasje ta it doel;</li> <li>it taalnivo fan it (eigen) einprodukt <b>te wurdearjen</b> yn relaasje ta (eigen) taaleftergrûn en ambysje.</li> </ul>	<ul style="list-style-type: none"> <li>De dosint stimulearret learlingen om posityf kritysk nei inoars einprodukten te harkjen en te sjen troch learlingen eigen teksten foardrage te litten of lêze te litten. De learlingen wurdearje inoars taalproduksjes op taalfersoarging (doel, taalnivo, korrektens, foarmjouwing, ensafh.) mar ek op ynhâld. Feedbackfragen kinne wêze: wat slacht oan, wat fûnst as as taharker moai of goed? Watfoar tip wolst jaan? Learlingen reflektearje op har eigen wurk nei oanlieding fan de feedback: Wat soenen se feroarje wolle en wêrom? Wat is sa persoanlik dat se it net feroarje wolle? ensfh.</li> <li>De dosint lit learlingen weromsjen op in Frysktalige aktiviteit of in Frysktalich projekt mei behelp fan Kahoot, mentimeter, in rubric of enkête dêr't Fryske fragen en antwurden yn brûkt wurde.</li> </ul>